



Dij Frysia

Tydskrift foar Fryske Striid en Skriftekennisse

JIERGONG LXXII, nûmer 1

maitiid 2023

ISSN 2352-8958



**Dr. Bertus Jans Postma
(12 april 1929 – 6 jannewaris 2023)**



(1)



(2)

Byskriften:
 1. Sander Hoekstra en Sjoerd Groenhof (JFM) by it Provinsjehûs te Ljouwert foar de **Rede fan Fryslân** (24 nov. 2022; foto: JFM; sj. s. 28).
 2. F.l.n.r.: Sytze T. Hiemstra (FFU), Sjoerd Groenhof en Sander Hoekstra (JFM) yn it Provinsjehûs foar de Rede fan Fryslân (foto: JFM; sj. s. 10).
 3. Bertus Jans Postma 1929-2023 (foto: Jongfryske Mienskip; sj. s. 14).
 4. Minister Hanke Bruins Slot hâldt de **Rede fan Fryslân** op it Provinsjehûs (foto: Sjoerd Groenhof; sj. s. 28).
 5. Sander Hoekstra (foarsitter JFM) by in protestboerd fan **Rients Wartena** (foto: Sjoerd Groenhof; sj. s. 28).
 6. Bertus Postma kriget earespeldsje Jongfryske Mienskip (foto: Omrop Fryslân, Onno Falkena; sj. s. 13).
 7. Wolter Jetten foar in dûbeldtalich kom- of plaknammeboerd fan Crostwitz (foto: Wolter Jetten; sj. s. 27).
 8. De befolking fan Midden-Europa om 895 hinne en de East-Dútske kolonisaasje (sj. s. 24).



(3)



(4)




(5)



(6)



(7)



(8)



Bertus Jans Postma, fêste meiwurker fan Lyts Frisia en Nij Frisia, is wei: wy sille him tige misse


De nijjerstaspraak fan ús kommissaris Brok fan 13 jannewaris 2023 einige mei: "Ta einbeslút... 2022 wie in betsjuttingsfol jier wêryn't wy ek minsken loslitte moatten ha. Waarman Piet Paulusma, skilder Jentsje Popma, taalstrider Bertus Jans Postma, Baukje Wytsma. Allegear op eigen wize hiene hja Fryslân yn it bert en passy foar ús provinsje. Lit ús tankber wêze wat sy foar Fryslân dien hawwe. Mar wit ek dat der nije Pieten, Jentsjes, Baukjes en Bertussen komme sille. Der sille altyd wer nije minsken komme mei bert en passy foar Fryslân."¹

Ja, dat hoopje wy as redaksje fan *Nij Frisia* likegoed. En dr. Bertus Jans Postma² hat dat fan july 1986 ôf mei hast ûntelbere stikken dien, earst yn *Lyts Frisia* en fan 2014 ôf oan *Nij Frisia*.

Sûnt 10 sept. 2011 waard der in nije start makke mei de *Jongfryske Mienskip*. Der kaam in oar bestjoer en yn 2012 in nij karbief. Dy nije besieling waard ek omset in nije namme foar it blêd, *Nij Frisia*, dat yn maart 2014 (jrg. LXIII, nû. 1) op in wat royaler formaat ferskynde en foar in part yn kleur. Yn it twadde nûmer fan dat jier

¹ Klik op: [Nijjerstaspraak kommissaris fan de Kening Arno Brok | It Nijs](#). De skeanprint yn de oanhaal is fan ús.

² Dr. Bertus Jans Postma is promovearre op in natuerkundich proefskrift oer it 'ljocht' en hoe't dat him brekt en ferspraat: Bertus Postma, *On the theory of refraction and scattering of light in artificially anisotropic media*, Proefskrift Universiteit fan Amsterdam, Ingelsk, VIII, 74 s., 1959, printe as boek. Materiaal (in natuerlike of keunstmjittich produsearre stoffe) wurdt *anisotroop* as syn eigenskippen **nê**t yn alle rjochtingen deselde binne. As soks net fan de rjochting ôfhinget, dan wurdt it *isotroop* neamd. Mear dêroer is te finen yn *Nij Frisia* (jrg. LXV, nû. 1, maaie 2016, s. 12): Sytze T. Hiemstra, skriuwer FFU, 'Ynlieding op de laudatio foar Bertus Jans Postma: lofprizing foar syn krewearjen foar Frysktalige toponimen (20 nov. 2015, It Hearrenfean)'. De laudatio sels stiet op side 4 mei in ynlieding dêroer op side 12 en op side 24 (efterkant) is in ôfbylding fan de oarkonde en in foto fan it oerlangjen dêrfan oan Postma ôfprinte: <http://ffu-fri1.eu/PDF/nijfrisia1.compressed.pdf>.



Yn jannewaris 1946 wurdt der in begjin makke mei in meidielingsblêd fan it bestjoer fan de Jongfryske Mienskip. Nûmer 36 fan desimber 1951 wie it lêste. It waard tastjoerd oan de leden en stipers. Yn it begjin wie Tsj. A. Oosterhof (Âldeboarn) samler. Juffer W.L. Zylstra (De Rottefalle) docht as skathâldster de adminstraasje. Yn maaie 1948 (nû. 15) wurdt dr. Douwe Kalma (De Rottefalle) skriuwer. Yn 1952 wurdt Lyts Frisia de opfolger fan it 'Meidielingsblêd'.

[it ferfolch begjint op s. 5]

Kolofon

Wy binne wiis mei jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it folgjende nûmer moat dy ynstjoerd wurde foar 1 juny 2023. Samler: foar kopij op papier, drs. Piter Dykstra, Balthasar Bekkerstrjitte 7, 9123 JV MITSELWIER; digitale kopij: piter@dykstra.frl

Fêste meiwurkers

drs. Piter Dykstra, drs. Sytze T. Hiemstra, Ed Knotter en dr. Bertus Jans Postma. Korreksje: S.T. Hiemstra en E. Knotter. Opmeitsjen en technyske fersoarging: P. Dykstra.

Meiwurkers oan dit nûmer

drs. Piter Dykstra, Jenny Douwes, Sjoerd Groenhof, drs. Sytze T. Hiemstra, Sander Hoekstra, Wolter Jetten, Ed Knotter, dr. Bertus Jans Postma, Elly Schoonbeek-de Jong en Jaap Slager.

Postadres

Jongfryske Mienskip,
Postbus 719,
8440 AS IT HEARRENFEAN

Webstek

www.jongfryskemienskip.frl

E-postadres

jongfryskemienskip@gmail.com

Bankrekken

NL92 INGB 0001 0695 35 op namme fan:
Jongfryske Mienskip, IT HEARRENFEAN

Bestjoer

Jenny Douwes, Sjoerd Groenhof, Sander Hoekstra (foarsitter), Wolter Jetten (skathâlder) en Elly Schoonbeek-de Jong (skriuwster).

Fan de redaksje

In soad plak is yn dit maitiidsnûmer frijmakke om omtinken te jaan oan it ferstjerren fan ús fêste meiwurker, iennichste earelid fan de Jongfryske Mienskip, mei it langste lidmaatskip (73 jier), Bertus Postma. De redaksje en it bestjoer steane stil by syn betsjutting foar de Fryske striid, *Nij Frisia* en de *JFM*. In tal dagen foar syn ferstjerren hat Bertus noch in pear stikjes ynstjoerd. Wy pleatse der no ien fan.

Wy hawwe ek diel twa fan Sytze Hiemstra syn oanfarring mei de GGD-Fryslân nei in tige ûnfatsoenlike behanneling by harren priplokaasje yn Drachten.

Wolter Jetten hat in skitterjend oersjochartikel skreaun oer de lytse talen yn East-Europa. In protte ynformaasje! Frappant is dat it foar in wichtich part de steatlike oerhearskers binne dy't dy talen de nekke omdraie.

Oan de ein hawwe wy wer in treflike kollum fan Jaap Slager, dy't út de tiid fan in pear hûndert jier fierder mei in skoalklasse werom sjocht op de tiid fan no. Dat liket yngewikkeld, mar it smyt in rake skets op fan de macht fan in dominante taal. De kleure efterkant wurdt folslein ynnommen troch in grut artikel út de *Telegraaf* oer Jenny Douwes. Har striid tsjin de arrogânsje fan de macht dy't al begûn by har pake en beppe, doe't de autoriteiten De Harkema opheffe woene om't dy dat plak as mislearre beskôgen.

Yn it folgjende nûmer mear oer de striid fan de *JFM* foar it behâld fan it universitêre Frysk. It parseberjocht dêroer hat wakker opskuor jûn. In dei nei it parseberjocht wie Maria Del Grosso it iens mei de aksje mar fûn de útdrukking 'Verboten für Friesen' neartzich (*LC*, 8-2-2023) en Cor Jousma seit op *It Njys*: '[...] Mar hâld it by in knypeachje en brûk gjin antysemityske teksten dêr't jimme sa't it skynt, de swierte net fan fiele. Dy sizze ommers mear oer jimme/ús as oer dy oare,' Dat 'Verboten für Friesen' net antysemitysk bedoeld wie, wist Cor ek wol. Mar oaren koene der omraken op om preludearje. De Ried fan de Fryske Beweging: 'It bestjoer fan dy Ried distansjearret him mei klam fan de diskriminearjende en antysemityske útspraken fan de Jongfryske Mienskip [...]' (*It Njys*, 9-2-2023). Wer in dei letter, Pieter de Groot: 'Fiif [bolbjirken] opperteurs dy't harren dizze wike slim misdroegen troch mei in soad nasjonalistyske bombaarje [...] alarm te slaan [...]' (*LC*, 10-2-2023). Del Grosso woe de striid foar it Frysk wat positiver hawwe, mar de kampioen yn frije assosjaasjes Rimmer Mulder (*LC*, 17-2-2023) hat de *JFM* al linkt oan de Civitas Christiana (fia Jenny Douwes – blokkearfriezen – 'Nationale Vredesprijs' (2019) – in 'hetze' tsjin Pim Lammers (2023). In grutter tsjinstelling mei de *JFM* kin ik my eins net yntinke. Mulder woe ek al hawwe dat wy aardiger wêze soene, lykas it 'taalfeestje' yn Oentsjerk fan de *brede maatskiplike diskusje* (BMD) oer it ôfskaffen fan stipe foar it Frysk. Dat is dochs net te leauwen! En dat men sels mei in BMD net beslute kin om (minske)rjochten fan in oar ôf te skaffen, haw ik him earder besocht dúdlik te meitsjen, mar sûnder súkses.

Lykwols, in soad lêsnocht tawinske!

Piter Dykstra

By de foarside

Yn 2019, nei hast 70 jier lidmaatskip, waard Postma foardroegen en beneamd ta earelid fan de *Jongfryske Mienskip*. Kommissaris fan 'e Kening Arno Brok spjelde him dy bysûndere ûnderskieding op (foto: Rens Hooyenga, *LC*).

[ferfolch fan s. 3]



— Ta ynlieding. —

Ein 1951 is de Jongfryske Mienskip ophâlden mei de útjefte fan har printe Meidielingsblêd, dat ek har eigen namme droech. Dêrfoar komt mei bigjin 1952 dit syklostilearre moanneskriftke yn it plak.

De namme "Lyts Frisia" is keazen om forbân te lizzen mei it tydskrift dat nei 1917 faeks de bêste iepenbiering fan Jongfrysk libben west hat. Wy hoopje yn "Lyts Frisia" de geast fan it âlde Frisia trou te bliuwen. Mar ús tocht, ús foege hwat bi-skiedener namme as "Frisia" sûnder near.

It kaertsje yn de kop, near sinnebyldige bitsjutting as suver ierdryskundich, kin ddlik meitaje dat "Lyts Frisia" net út de idé fan in lyts Fryslân libje wol. De Greatfryske bisieling dêr't de nammen fan de Upstalbeam, Harmen Sytstra en de Jongfryske biweging oan forboun binne, is en bliuwt ek uzes.

Ek yn de ynhâld fan dit lytse orgaan sil by it eardere meidielingsblêd foroaring to fornimmen wêze. De skelen fan it jonge forline wolle wy fierders oerlitte oan de skiednis-skriuwer fan de takomst, en de Fryske biweging wolle wy near as in ienheit sjen. It hjoed hat foar ús it forline oerwoun.

It doel fan de Jongfryske Mienskip is en bliuwt "de heechste stoflike en geastlike forheffing fan it Fryske folk, sjoen as in gearstallend ûnderdiel yn it wrâldforbân". Hwa 't forlet hat fan sokke bitsjuttingen, mei ús dos nationalistysk en idealistysk neame. Dy't ien fan geast mei ús binne, "kom by ús yn de rige!"

Foarkant fan it earste nûmer fan de earste jiergong fan Lyts Frisia, moanneskrift fan de Jongfryske Mienskip (jannewaris 1952). De namme is keazen om ferbân te lizzen mei it eardere tydskrift Frisia. Op de bestjoersgearkomste fan 1 maart 2014 waard mei miene stimmen besletten om der Nij Frisia fan te meitsjen. Dat blêd waard fierders oantsjut as Tydskrift foar Fryske Striid en Literatuer (jrg. LXIII, nû. 1, maart 2014), mar yn 2015 wurdt dat lêste feroare yn: Tydskrift foar Fryske Striid en Skriftekennisse (jrg. LXIV, nû. 1, maart 2015).

stie Bertus Jans Postma op de foarkant mei in foto fan syn ynsprekken by 'De Fryske Marren' op 7 april 2014 op 'e Jouwer. Bertus hie doe in demonstraasjeboerd op 'e skurte mei as tekst: NET MEER, MAR MAR, DÊRMEI ÚT! Dy 'marren' binne der kommen ...


Oan de ein ta trou yn de striid foar folk en taal
Syn lêste stikje foar *Nij Frisia* hat Bertus de redaksje tastjoerd op 16 novimber 2022 ûnder de kop 'Ferrekte Hollanners' en dat is wer opnommen yn dizze *Nij Frisia* (nû. 1, 2023, s. 19). Oant syn ferstjerren op 6 jannewaris 2023 hat er mei-inoar dus sa'n 36 jier warber west. Oer Fryske 'trou' sprutsen!

Op 16 des. 2022 hawwe wy him *goede hjeldagen, lok en súnens yn 2023* tawinske en op snein, 18 desimber

kaam as reaksje: "In tankewol fan myn kant en oarsom itselde (kompjûter deasiik). Ik rin by in soarte fan 'beter horen': dôf oan rjochter ear. Menamer groetnisse – en bettere binne der net – Bertus Jans."

Bertus Jans is berne op 12 april 1929 te Holwert en op 6 jannewaris 2023 is er as ús fêste meiwurker hommels foar ivich by ús weirekke. In slim te befetsjen grut ferlies, mar syn geast sil by ús 'libben' bliuwe, by wat wy ek skriuwe en dogge.

Dêrby tinke wy ek oan wat op it grêf fan Wike Louis' Zylstra (1893-1964), in warbere Jongfriezinne dy't oan 'e ein fan de Twadde Wrâldoarloch mei Douwe Kalma in húshâlding foarme, stiet: 'TROUGH DE STRIID FOAR FOLK EN TAEI'. Dat jildt net minder foar 'ús' Bertus.³



De foarkant fan it nûmer fan Lyts Frisia (jrg. XXXV, nû. 7-9, july-sept. 1986), dêr't dr. Bertus Postma (Hallum) foar it earst as 'samler' en nije tredde man in redaksjesit ynaam hat.

Oan de twadde *Bodderstocht* fan de *Jongfryske Mienskip* op 7 maart 2020, nei de 'lieux de mémoires' fan en in earbetoan oan bodders yn 'e Fryske striid, hat Postma lokkich noch foar in part meidwaan kinnen.⁴

Op oare plakken yn dizze en de kommende *Nij Frisia* jouwe wy rom omtinken oan Bertus syn krewearjen foar de Fryske saak. Dat hat er mear as fertsjinne! Kleurefoto fan Bertus binne te finen op de foarkant fan *Nij Frisia* (jrg. LXIII, nû. 2, juny 2014 en jrg. LXX, nû. 3, hjerst 2021).⁵ Oare kleurefoto's yn *Nij Frisia* (jrg. LXV, nû. 3/4, des. 2016), dêr't er by de betinking fan de 'Slach by Warns' yn petear is mei oare Jongfriezen, lykas dr. Gerben Abma en drs. Kerst Huisman.⁶

De Feriening Frysk Underwiis (FFU) hat Bertus op 20 novimber 2015 yn in jubileumgearkomste fan de *Jongfryske Mienskip* eare mei in laudatio en in oarkonde foar syn striid foar offisjeel Frysktalige toponimen. De skriuwer dêrfan, Sytze T. Hiemsta, spriek de lofprizing út en memorearre: "De *Jongfryske Mienskip* besiket al in iuw lang (1915-2015) it Frysk ta de earste taal yn Fryslân te meitsjen en dus ek by de oerheid, it rjocht en yn it ûnderwiis. Postma stiet yn dy sin sadwaande yn de romrofte tradysje fan syn grutte ynspirator Douwe Kalma, fan Eeltsje Boates Folkertsma, Bearend Joukes Fridsma, Wike L. Zylstra, Teake Hoekema en oaren.

³ Doeke Sijens, 'By it grêf fan Wike Zijlstra "It wie in lust to libjen"', *Fryslân*, jrg. 29, nû. 1, jan./febr. 2023, s. 14-16.

⁴ *Nij Frisia* (jrg. LXIX, nû. 2, simmer 2020, s. 12-14, 27, 28): 'Bodderstocht 2020 op 'en nij in grut sukses. Sneon 7 maart 2020 waard de twadde Bodderstocht holden, in 3-jierlikse tradysje fan de Jongfryske Mienskip' (s. 12-14). Op s. 14 en op de efterkant (s. 28) stiet in foto mei Bertus derop (hielendal rjochts) by it grêf fan Doeke Brouwer op it tsjerkhôf te Bitgum. Op side 22 in swart-wyt foto fan Bertus yn syn wenkeamer te Bitgummole, mei in struibrief oer Kneppelfreed (1951) dat by Postma oan it lewant hong. Op s. 27 in kleurefoto fan Bertus yn de keamer fan syn hûs te Bitgummole mei it oanbelangjende struibrief oer Kneppelfreed 'Friezen fan Stêd en Plattelân!': <http://ffu-frl.eu/PDF/200617.def.nijfrisia2-2020-2xco.mp.2.44MB.pdf>.

⁵ *Nij Frisia*, nû. 2, 2014: <http://ffu-frl.eu/PDF/140617.def.Nij.Frisia.2.pdf>; *Nij Frisia*, nû. 3, 2021: <http://ffu-frl.eu/PDF/211205-ferbett.2fl.nijfrisia3-21compress-15MB.lyts.pdf>.

⁶ *Nij Frisia*, (jrg. LXV, nû. 3/4, desimber, 2016, s. 24 [efterkant]), mei twa foto's dêr't dr. Bertus Jans Postma by de betinking fan de 'Slach by Warns' yn petear is mei dr. Gerben Abma en drs. Kerst Huisman. Dr. Gerben Abma (1932-2016) hat sûnt 2009 haadsamler en tagelyk einredakteur west fan *Lyts Frisia*. Bertus waard doe 'fêste meiwurker' (sj. ek: Bertus Jans Postma, 'Oantinkens oan Gerben Abma', s. 17) en bleau dat nei 2016 ek fan *Nij Frisia*: <http://ffu-frl.eu/PDF/nf3cmpr.pdf>.

REDAKSJEWIKSEL

Hige sceal ðe heardra,
heorte ðe cænre mōd ðe
nāre, ðe ure mægen lytlaþ

Nei 12½ jier achte ús meisamler Juv fon Wearingha de tiid kommen om syn plak ðf te stean oan in jongeren ien. Al dy tiid hawwe ús lêzers syn kultuerkrityske, histoaryske en literêre bydragen folgje kinnen. Syn ðfgean as samler sil grif net betsjutte dat wy dy tenei misse moatte. Mannichien moat it mei syn wurk yn en oan Fryske tydskriften mei stille wurdearring dwaan. Foarsafier't der yn de media op reagearre wurdt, pakt de wurdearring net altyd posityf út, op syn geunstichst út ûnbegryp en ûnkunde, op syn slimst út in behoef oan smeulke praatsjes. Soksoarte "resinsjes" binne ek ús freon Juv net besparre bleaun. Der is mar ien andert op: trochgean! It boppesteande motto, ûntliend oan in Angelsaksysk dicht oer de slach by Maldon, mei in oantrún foar him wêze.

Sa net, ek al meie wy dan hoopje op *JfW* syn fierdere meiwurking, wy moasten omsjen nei in nije tredde man en hawwe dy fûn yn dr. Bertus Postma (Hallum), dy't wy kenne fan syn wurk yn Frysk studintefermidden (Redbad) en J.F.M. De lêzers fan de LC kenne him boppedat as Bertus fan Sterksel út de ynstjoerde stikken.

Op syn plak is hjir in wurd fan wolkom oan ús nije en in wurd fan tank oan ús âlde samler fan

de beide meisamlers

gnv:

BEA

O leaven Hear, jou my dochs de genede
Dat 'k alle blunders, alle dommichheden
Dy't ik begean, ferjitte mei
Ferjitte as 't wāt kin deselde dei
O meitsje my foartidich âld
O God, jou my in min ûnthâld
Lit lek it wêze as in gatsjepanne
Wol al myn blunders út myn wêsten banne
Sa faak myn sleauwens my al strikken spande
Ik die safollen sear, it is in skande
Ik doar myn eagen hast net op te slaan
My net mear bûtendoar te jaan
De lju sjogge sa skerp, astū gjin reagen
Krūpe litste oer har spotske eagen
Lit it net ta, o God, en duldzje net
Dat se my skōgje oant yn myn djipste hert.

Op 'e rêuny fan Skylge-gongers op 12-5-1985 houd kampbehearder Betz Stienstra in taspraak dy't foar in gāns gruttere rinte tige fan be-lang wie. Op oare plakken al koart oanhelle folget se hjir folslein:

34

Side 34 fan it nûmer fan Lyts Frisia (jrg. XXXV, nû. 7-9, july-sept. 1986), dêr't Bertus Jans Postma foar it earst yn de 'redaksje' siet, mar al lang warber wie as frisiast: "De lêzers fan de LC kenne him boppedat as Bertus fan Sterksel út de ynstjoerde stikken."

Postma hat grutte fertsjinsten yn de striid tsjin de noch altiten besteande taalûnderdrukking".⁷

It soe sadwaande likegoed in earbewiis oan Bertus wêze as yn it paspoart ek Fries as nasjonaliteit oanjûn wurde koe. De provinsje liket no hiel foarsichtich in begin te meitsjen mei de striid foar wat oare oantsjittings yn it Frysk.⁸ Wy binne der noch lang net!

Wy sille Bertus dus o sa komme te missen!

De redaksje fan *Nij Frisia*,
Piter Dykstra, Ed Knotter en Sytse T. Hiemstra⁹

⁷ *Nij Frisia* (jrg. LXV, nû. 1, maaie 2016, s. 4, 12, 24 [efterkant]). De lofprizing (laudatio) stiet op side 4 en op side 12 skriuwt Sytze T. Hiemstra, de skriuwer fan de FFU: "Jo namme stie as samler neamd tusken Teake Hoekema en Gerben N. Visser. Net de minsten fan de Jongfriezen. It wie in pear jier letter, dat Teake by in moeting op de Fryske Akademy tsjin my sei: do moatst *Ljts Frisia* winliken lêze, want wy hawwe no ien, dy klapt deryn. Syn namme is Bertus Jans Postma. Dat spriek my o sa oan, it is dus fuort oangien en in pear jier letter waard ik 'gewoan' lid. Ik soe Bertus foar gjin goud wer misse wolle! In man dy't op alle fronten thús wie. Taalfronten dan! Of noch better: Fryske taalfronten ...": <http://ffu-frl.eu/PDF/nijfrisia1.compressed.pdf>.

⁸ *Friesch Dagblad/Frysk Deiblêd*: 'Provincie wil Fries in het Nederlandse paspoort', 22-12-2022, s. 5).

⁹ Bertus skreau altiten konsekwint *Sytse*, mei in *s*, en dus net mei de offisjeel registrearre *z*.

FD-22-12-2022, 5

Provincie wil Fries in het Nederlandse paspoort

Leeuwarden | Aanduidingen als 'Koninkrijk der Nederlanden', 'voornaam' en 'geboortedatum' zouden in het Nederlandse paspoort ook in het Fries afgedrukt moeten worden. Gedeputeerde Sietske Poepjes laat uitzoeken wat de juridische mogelijkheden daartoe zijn.

„It giet net oer de nasjonaliteit. It is net de bedoeling dat 'Fryske' yn plak fan 'Nederlânske' komt", zegt Poepjes in een toelichting. „It giet om wurden foar skaaimerken as geslacht, famyljenamme, lingte.”

Nu staan die woorden in het Nederlands, Engels en Frans in het paspoort. In het Verenigd Koninkrijk staan de woorden er ook in het Schots, Iers en Welsh. „Dat liket ús ek in ferskriklik goed idee foar it

Frysk. Wy wolle it foar de sichtberens fan it Frysk as serieuze, offisjele wurktaal, de twadde rykstaal.”

Ook op ID-bewijzen en rijbewijzen moet het Fries op deze manier zichtbaar worden, vindt Gedeputeerde Staten. Er wordt nu eerst een advies opgesteld over de juridische mogelijkheden en consequenties voor zowel de Nederlandse als de Europese regelgeving. Dat advies verwacht Poepjes in februari, „foar de karnavalstiid”.

Daarna moet er een concreet voorstel komen, in samenwerking met het rijk, dat de eindbeslissing moet nemen. „It soe moai wêze foar it nije Bestjoersakkoart Fryske Taal en Kultuer.” Dat akkoord wordt komend voorjaar gesloten.

Boarne: *Friesch Dagblad/Frysk Deiblêd* (22-12-2022, s. 5): 'Provincie wil Fries in het Nederlandse paspoort'

INGEZONDEN

dinsdag 17 januari 2023

LEEUWARDER COURANT

19

Fryske plaknammen as earbetoan

Op freed 13 jannewaris is Bertus Jans Postma te hôf brocht yn Ingelum. Lykas bekend wie Postma in strider foar de Fryske taal. Hy bestege in grut part fan syn libben oan it ferfryskjen fan geografyske nammen om it Frysk sichtberder te meitsjen yn de iepenbiere romte.

Syn grutste sukses wie de ferfrysking fan de nammen fan wetterwegen (marren, kanalen, rivieren) yn de hiele provinsje. Ek op't mêd fan plaknammen boekte Postma foarútgoing, mar minder as er

hope hie, troch tsjinwurking fan gemeenten. Sa hawwe tal fan gemeenten wol twatalige doarpsnammen, mar binne de Fryske nammen net offisjeel registrearre, sadat se net brûkt wurde meie yn de korrespondinsje mei oerheidsorganen as bygelyks de belestingsjinst.

Yn de fúzjegemeente Waadhoeke besochten Postma en ûnderskreane de plaknammen fan de eardere gemeente Frjentsjerteradiel te ferfryskjen, wylst plaknammen fan de eardere gemeente Menamera-

diel al Frysk wiene. Mar Waadhoeke wie dêr net ree ta.

Yn de ôfskietsjinst yn de tsjerke fan Ingelum spriek wethâlder Jan Dijkstra fan Waadhoeke syn wurdearing út foar de ynspanningen fan Postma. Soe it net in moai postúm earbewiis foar it krewearjen fan Postma wêze as de gemeente Waadhoeke no beslute soe ek binnen Waadhoeke offisjeel Fryske plaknammen yn te fieren?

Jehannes Elzinga. Frjentsjer

Offisjeel Frysktalige plakmannen as postúm earbewiis oan Bertus Jans Postma, te begjinnen mei de gemeente Waadhoeke (LC, 17-01-2023, s. 19; Jeh. Elzinga, Frjentsjer).

LXXII-1-7

Dr. Bertus Jans Postma (1929-2023), earelid Jongfryske Mienskip, ferstoarn (I)

Jongfryske Mienskip (8 jannewaris 2023): Bertus Jans Postma 1929-2023



Fryslân hat ien fan syn meast tawijde soannen ferlern. Bertus Jans Postma is freedtemoarn op 93-jierrige leeftyd hommels weirekke.

Bertus wie sûnt 1950 lid fan de Jongfryske Mienskip. Yn 'e ôfrûne desennia hat Bertus him tige warber ynset foar Frysktalige wetter-, doarps-, steds- en gemeentenammen. De kroan op syn wurk wie it ynfieren fan Frysktalige wetternammen yn 2007. Yn suver eltse útjefte fan *Nij Frisia* wienen wol stikken fan Bertus te finen. Bertus wie in foarbyld foar ús allegear. Dêrom waard er yn 2019 ferkeazen ta earelid fan de Jongfryske Mienskip.

Mei syn ferstjerren ferlieze wy in tige wurdearre en belutsen Jongfries.

It bestjoer fan de Jongfryske Mienskip¹



Foto fan Bertus Jans Postma op de roukaart. Tekst op de roukaart.

*Wy hawwe gjin twa talen fan God krige:
ien foar de skuorre en ien foar de tsjerke,
ien foar it folk en ien foar de hearen,
ien foar deis en ien foar sneins,
ien foar de minsken en ien foar God.
Ien taal hawwe wy krige
en dy iene taal is ta alles genôch.*
(E.B. Folkertsma)

De krante lêzend is yn alle frede ûnferwachts ferstoarn ús omke

Bertus Jans Postma

* Holwert,
12 april 1929

† Menaam,
6 jannewaris 2023

Sûnt 19 jannewaris 2019 widner fan
syn oare helte Ymkje Marchje Meester.

Hja wie syn leafde en libben, hja wie him alles.

Famylje Postma

*Wy betankje alle meiwurkers fan Nij Statelân Menaam tige
foar de leafdefolle fersorging fan ús omke.*

It ôfskie sil wêze op freed 13 jannewaris om 13.30 oere yn de Ingelumer tsjerke.
Oanslutend sil de begraffenis plakfine op it tsjerkhôf neist de tsjerke.

Fan 13.00 oant 13.30 oere is der gelegenheid ta skriftlik kondolearjen.

Yn De Molewjuk yn Bitgummole is de neisit.

Skriuwadres:
Mw. M. Postma
Jellemaweg 4b
9801 CK Zuidhorn

¹ Ek oan te klikken op: https://jongfryskemienskip.fr/?fbclid=IwAR1YQt7tV79YnQ5j5_65wzC3-23rIFnWbqfruDGW-l3iofUVd-Q5eNyXHSou (tel.: 06 51034320)

In memoriam Bertus Jans Postma 1929-2023



Yn 2019, nei hast 70 jier lidmaatskip, waard Postma foardroegen en beneamd ta earelid fan de Jongfryske Mienskip. Kommissaris fan 'e Kening Arno Brok spjelde him dy bysûndere ûnderskieding op (foto: JFM).

Bertus Jans Postma is freedtemoarn 6 jannewaris 2023 yn de âldens fan 93 jier hommels weirekke. Postma wie natuerkundige, taalstrider en *Jongfries* yn ieren en sinen.¹

Postma waard berne op 12 april 1929 yn Holwert. Hy wie de tredde soan fan in bakkerspear, dat yn 1937 nei Ljouwert ferhuze. Dêr brocht Postma syn legere en middelbere skoaltiid troch. Hy die syn doktoraalstúdzje natuerkunde yn 'e jierren 1946-1953 oan 'e Universiteit fan Utert. Dêr waard er yn 1946 fuortendaliks lid fan it Frysktalige studinteselskip *Redbad*. Yn syn studintetiid kaam er ek yn 'e kunde mei de *Jongfryske Mienskip*. Bertus Jans Postma waard lid yn 1950.

Nei de stúdzje gie er earst oan 't wurk by it *Van der Waal Laboratorium* yn Amsterdam en wurke yn 'e jierren 1961-1986 as haadmeiwurker by de *Technyske Hegeskoalle Eindhoven*. Wilens hie Postma ek de leafde fan syn libben fûn en boaske yn 1956 mei Ymkje Meester. Foar't er it ja-wurd joech, moast sy earst ûnthjitte om Frysk te learen, sadat sy yn it houlik Frysk prate koene. Hy neamde har steefêst syn 'bettere helte'.

Yn 1986 kaam Postma werom nei Fryslân mei in dúdlik doel foar eagen. Hy woe him ynsette foar de Fryske

striid yn 't algemien en de Fryske doarps-, steds- en gemeentenammen yn 't bysûnder. As syn âlde bûnsmaten de moedfearren efkes hingje lieten, koe er altyd noch op Ymkje rekkenje. Sy stipe him by alles wat er die. Postma en de frou hawwe sawat alle gemeentehuzen bydel west om de plak- en gemeentenammen yn 't Frysk te krijen. Yn Tytsjerksteradiel hawwe se der wol fiif jier mei dwaande west. Syn aldergrutste súkses wie it provinsjale beslút om Frysktalige wetternammen yn te fieren. Op 15 maart 2006 waard it histoaryske beslút nommen: mei yngong fan 15 maart 2007 soe it heve. In boppe-slach!

Postma wie fan betinken dat wy as Friezen rjocht hawwe op it brûken fan ús eigen taal. "Taal is it ynstrumint dêr't wy troch sykhelje", die er te witten yn in ynterview mei de *Ljouwerter Krante* yn 2014. Postma fersuchte wolris dat er sa graach stjerre woe mei de nasjonaliteit 'Fries' yn it paspoart. Dat hat er yn 2012 yn 'e gemeente Menameradiel besocht, dêr't hy en Ymkje doedestiids wennen. Hy hat de saneamde *Ferklearing fan Ôfstân* dien. Hy woe Nederlânsk steatsboarger bliuwe mei as nasjonaliteit 'Fries'. Syn fersyk waard ôfwiisd, mar it wie wol in dúdlik sinjaal.

Fierders skreau er hast alle wiken de *Ljouwerter Kran-*te oan mei lêzersbrieven en klachten oer it ferkeard brûken fan toponimen. Troch it publisearjen fan opynstikken en syn brieven oan pommeranten, ûnder oaren yn *Nij Frisia*, hat Postma oare Friezen ynspiraasje

¹ Ek oan te klikken op: [JFM earelid Bertus Postma ferstoarn](#) | [Jongfryske Mienskip](#) | [Striid foar de lykberjochting fan de Fryske taal, kultuer en identiteit](#).



jûn. Nei bûten ta hat Postma de Jongfryske Mienskip altyd op in treflike wize fertsjintwurdige. Yn 2019, nei hast 70 jier lidmaatskip, waard Postma foardroegen en beneamd ta earelid fan de Jongfryske Mienskip. Kommissaris fan 'e Kening Arno Brok spjelde him dy bysûndere ûnderskieding op. Spitigernôch wie syn frou Ymkje de moanne dêrfoar ferstoarn.

By alles wat de Fryske saak oangie, stie er foaroan om te striden foar it heechste doel. Hy wist dat syn tiid opreкке. By in gearkomste fan de *Ried fan de Fryske Beweiging* yn 'e maitiid fan 2022 waard der oan Bertus Postma frege: "Wat tochten jo fan dizze gearkomste?" Hy sei: "Der binne hjir 40 minsken en de gearkomste duorre 2 oeren, dus der binne wer 80 oeren fuortsmiten foar de Fryske saak! Dy tiid hiene wy better brûke kind om doarpsbelangen oan te skriuwen om te stribjen nei Fryske plaknammen, want der is ien ding dat jim net yn 'e gaten hawwe. Dit is de gouden oere! Jim moatte no trochsette! Op, Friezen op!" Mei dy wurden ferliet er de neisit.

De Jongfryske Mienskip nimt ôfskied fan syn earelid én fan ien fan de grutte foaroanmannen yn 'e Fryske striid. Foar sibbe en kunde is syn ferstjerren grif in grut ferlies. Wy sille 'ús Bertus' tige misse. Wy sille him misse om syn fjoer, syn humor, syn sjarme én syn kennis. In bysûnder bern fan Fryslân is net mear.

It bestjoer fan de *Jongfryske Mienskip*,
Elske, Jenny, Wolter, Sjoerd en Sander

It Nijs (8 jannewaris 2023): Bertus Jans Postma (93) ferstoarn

Bertus Jans Postma fan Bitgummole, earelid fan de Jongfryske Mienskip, is freedtemoarn 6 jannewaris hommels ferstoarn yn 'e âldens fan 93 jier.



It Nijs (08-01-2023): Bertus Jans Postma 1929-2023 (foto: Jongfryske Mienskip).

Aant Jelle Soepboer, FNP-wethâlder yn Noardeast-Fryslân, skriuwt op [Facebook](#) dat Fryslân in taalstrider ferlern hat. Wêr't wat om it Frysk te dwaan wie, wie Bertus, skreau er stikken en kaam er yn eigen persoan om yn te sprekken. Soepboer skriuwt dat Postma sels mei rolstoel en al by steile treppen opsjoud waard, sadat er derby wêze koe. Doe't de Fryske plaknammen yn Noardeast-Fryslân yn eare werombrocht waarden, wie Postma suver emosjoneel.

De Jongfryske Mienskip skriuwt op [Facebook](#) dat Fryslân ien fan syn meast tawijde soannen ferlern hat. Postma wie sûnt 1950 lid fan de Jongfryske Mienskip. Yn 'e ôfrûne desennia hat Postma him tige warber foar Frysktalige wetter-, doarps-, steds- en gemeentenammen yn-

¹ Ek oan te klikken op: https://www.itnijs.fr/2023/01/bertus-jans-postma-93-ferstoarn/?fbclid=IwAR3-CHfR-jZiYnWnBSf1f8Qpu1vPdHZox_XRc-SFJ0uuuj-vLjkE7M9lktrg8.

Mei dêrûnder taheakke in opmerking fan Frâns Kuipers; "In geweldige man, Bertus Jans Postma. Yn myn tiid as CDA-Steatelid, wie ik û.ô. wurdfierder fan/foar it befoarderjen fan it Frysk. Ek haw ik aardich wat jierren foarsitter west fan de BMD (Brede Maatskiplike Dialooch / doe noch: Diskusje). Sawol as doetiids steatelid en as foarsitter fan de BMD, krige ik mannich stimulearjend briefke en/of mailsje fan Postma. Net sa lang lyn – ik leau oktober 2022 – skreau ik nachts om ien oere op Facebook eat oer it fersterkjen fan it behâld fan ús Fryske taal. Hy reagearre fuortendalik en hy stipe myn opsjes. Bertus einige mei: 'En no op bêd'. Dit lit sjen dat Bertus Jans ta oant jûns let warber wie en alles yn de gaten hold wat it Frysk oanbelange. In echtenien foar it Frysk!! Tank!"

set. De kroan op syn wurk wie it ynfieren fan Frysktalige wetternammen yn 2007. Yn 2019 waard er útroppen ta earelid fan de Jongfryske Mienskip. Kommissaris fan de Kening Arno Brok spjelde Postma de Jongfryske earespjelde op en spriek by dy gelegenheid wurden fan wurdearring foar de striid fan it earelid.¹

--- o O o ---

Omrop Fryslân (08-01-2023): Taalstrider Bertus Postma (93), earelid fan de Jongfryske Mienskip, ferstoarn

Taalstrider Bertus Jans Postma (93) út Bitgummole is ferstoarn. Postma waard yn 2019 útroppen ta earelid fan de Jongfryske Mienskip.

Postma is benammen bekend fan de striid foar de Fryske plaknammen en de Fryske wetternammen. “It is oan jo te tankjen dat it steatejacht no oer de Snitser Mar fart, ek as ús gasten de oare rykstaal sprekke”, sei kommissaris fan de Kening Brok tsjin Postma, doe’t er be-neamd waard ta earelid fan de Jongfryske Mienskip.

Yn 2012 kaam Postma yn it nijs om’t er de Nederlânske nasjonaliteit ôfswarre woe. Postma hie in fersyk by de eardere gemeente Menameradiel yntsjinne om as Fries yn it befolkingsregister opnaam te wurden mei behâld fan syn Nederlânsk steatsboargerskip.

De FNP meldt op Twitter dat Postma út ’e skroeven wie doe’t de gemeenteried fan Noardeast-Fryslân yn 2021 besleat om de gebietseigen plaknammen wer yn te fieren. De partij skriuwt dat Postma mist wurde sil, syn oanwêzigens en boppe al syn skerpte. “Ek op lettere leeftyd. Altyd striidber foar de Fryske saak.”¹

Boarne: *Omrop Fryslân*, 8 jannewaris 2023

--- o O o ---

Omrop Zilt (Noardwest-Fryslân, 08-01-2023, Simen Hofman): Taalstrider Bertus Postma (93) ferstoarn: ‘Bertus moast en soe derby wêze’

Postma waard yn 1929 berne yn Holwert, it doarp dat sûnt dit jier wer offisjeel in Fryske namme hat. Sokke saken makke Postma him ek sterk foar. Syn grutste súkses hie er yn 2007. Doe waarden troch syn wurk de nammen fan alle wetters yn de provinsje offisjeel Frysk. Yn 2012 die er in fersyk oan Menameradiel om syn



nasjonaliteit te feroarjen fan Nederlânsk nei Frysk. Dat slagge net.

Altyd derby

Út Bitgummole wei makke Postma him drok oer de plaknammen yn Waadhoeke. Dy binne noch hieltyd net allegear Frysk of Biltsk. Hy skreau geregeld nei de gemeente of media, of liet fan him hearre fia Twitter. En as der wat te rêden wie oer it Frysk, wie Postma derby. “Wy ha him sels mei rolstoel en al by steile treppen opsjouwe moatten, net heal fertroud, mar Bertus moast en soe derby wêze”, sa fertelt FNP’er Aant Jelle Soepboer.²

Postma is freedtemoarn ferstoarn yn Galdastate yn Menaam, wylst er de krante oan it lêzen wie. Op 13 jannewaris wurdt er begroeven yn Ingelum.

Boarne: *Omrop Zilt*, 08-01-2023

--- o O o ---

¹ Ek oan te klikken op: https://www.omropfryslan.nl/fy/nijs/1187254/taalstrider-bertus-postma-93-earelid-fan-de-jongfryske-mienskip-ferstoarn?fbclid=IwAR2s6V1-FYGXGLF-cm3Jrugxis6WGdck1UjFV7-oQC1T5PL_fvzwINww_yA.

² Ek oan te klikken op: <https://omroepzilt.nl/nieuws/cultuur/taalstrider-bertus-postma-93-ferstoarn-bertus-moast-en-soe-derby-weze/>.

It Nijs (10 jannewaris 2023): Bertus Postma, âlde strider, jong fan geast

Yn neitins

Myn earste yn de kunde kommen mei Bertus Postma wie op de earste Grutte Ried, dy't ik meimakke. Dat wie yn oktober 2017. It wie de lêste gearkomste op it Keetwâltsje, mar foar my wie it de ynwijing yn de bjusterbaarlike wrâld fan de Fryske beweging. Postma draaide fansels al wat langer mei yn bewegingsrûnten. It wie net in tige bysûndere gearkomste ... Oant wy by de lêste sprekker yn it wurklistpunt Omfreegjen kamen. Dat wie Bertus Jans Postma fan Bitgummole.

Twa wike letter seach ik him wer, doe't de WMO-taksy him by Tresoar brocht. Nei oanlieding fan Postma syn punt by it omfreegjen hold de Ried in aparte gearkomste om in stânpunt te bepalen oer de situaasje yn Kataloanië. Dêr moast premier Puigdemont flechtsje, doe't er in referindum útskreaun hie oer it ôfsplitsen fan Kataloanië fan it keninkryk Spanje.

Postma ljochte syn fersyk koart ta, mei in praatsje sa't ik dat letter faker fan him hearde. Hy brocht foar it fuotljocht dat yn Kataloanië wat soartgelikens spilet as yn 1989, flak foar de fal fan de muorre. It folk kaam yn beweging en soarge dêrmei foar in grutte feroaring. Yn Kataloanië is dat oars betard: de Spaanske *Guardia Civil* fernedere de mannichte yn Barcelona en sloech de opstân del. Postma pleite derfoar om in stipebetsjûging te stjoeren oan it Katalaanske parlemint. Der waard omraak diskusjearre. In soad fertuten die de gearkomste net, sokssawat as it ynstellen fan in kommisje. Postma stapte teloarsteld yn 'e taksy nei hûs ta. De middei brocht him net wat er hope hie: in lyts bytsje stipe toane oan minsken dy't allinnich foar de wrâld oer steane.

Sa wiene der letter wol mear gearkomsten mei Postma. Ik leau dat er de lêste fiif jier net in soad riedsgearkomsten mist hat. Altyd wer kaam de WMO-taksy foarriiden. Earst mei Postma en syn rollator, letter mei de rolstoel. Jong en skerp fan geast, mar beheind troch syn fysike âlderdom, krige er syn ferhaal de lêste jierren net mear altyd goed foar it fuotljocht. Dochs hold er oan as storein, benammen as it gie om de striid foar Frysktalige plaknammen.

Yn septimber 2020 spruts Postma yn op it gemeentehûs fan Noardeast-Fryslân op de taalnota fan de nijfoarme gemeente. Yn it foar hie er tige noed oft er syn hiele ferhaal wol dwaan koe. De ynsprektheid wie beheind en de foarsitter tige formeel. Soe er it wol rêde?

Mar mei syn skriuwen foartiid hie er al wat yn beweging brocht: de FNP tsjinne in moasje yn oer Frysktalige plaknammen. Hiene se dat ek dien as Postma him net foartiid oppenearre hie? De gemeenteried wie it der ienriedich mei iens. Mar amtlike en politike mûnen mealle net sa fluch. It hat noch oant 1 jannewaris 2023 duorre, foar't dat hielendal rûn wie. Ik bin bliid dat Postma dy ynfiering dochs noch meikrige hat!

Arjen Dykstra

Bertus Postma is op 6 jannewaris ll. ferstoarn yn de âldens fan 93 jier.¹

Boarne: *It Nijs*, 10 jannewaris 2023

--- o O o ---



It Nijs (11-01-2023): Rou-advertinsje Bertus Jans Postma

De Ried fan de Fryske Beweging hat ôfskied nimme moatten fan syn tige wurdearre en belutsen âld-Riedslid

Bertus Jans Postma

Postma hat jierrenlang weardefolle bydragen levere oan de Ried foar de Plaknammekommisje en as fertsjintwurdiger fan de Jongfryske Mienskip. Hy wie oan 'e ein ta in trouwe besiker fan de gearkomsten fan de Grutte Ried. Wy tinke mei grut respekt oan syn oanhâldend krewearjen foar in rjochtfearnich plak foar de Fryske taal.

Út namme fan de Ried fan de Fryske Beweging,
Reinder Reitsma, ynterim-foarsitter
Nynke Beetstra, skriuwer²

Boarne: *It Nijs*, 11-01-2023

¹ Ek oan te klikken op: <https://www.itnijs.frl/2023/01/bertus-postma-alde-strider-jong-fan-geast/?fbclid=IwAR0xpEosk-jLBbp-PgdrgdIKcsciR2kWaL6RO4zxPwj8QktWvMCCMen4tgW8>.

² Ek oan te klikken op: https://www.itnijs.frl/2023/01/rou-advertinsje-bertus-jans-postma/?fbclid=IwAR3ZE5ogBs-A19kYBYzrsria3aIqtqf8m1J1d_FEc7bWSB-3BJVVDE-hXV2jA. Sjoch ek dizze *Nij Frisia* op s. 15.

Asing Walthaus (*LC-Ljouwerter Krante*, 8 jannewaris 2023):

‘Wiere beweger’ Bertus Jans Postma (93) overleden



Bertus Postma kriget earespeldsje Jongfryske Mienskip (foto: Omrop Fryslân, Onno Falkena).

Bertus Jans Postma, onvermoeibaar strijder voor het Fries en erelid van de Jongfryske Mienskip, is vrijdagmorgen overleden. Hij is 93 jaar geworden.

Postma is ondermeer bekend door de vele ingezonden stukken die hij ook in deze krant schreef over zaken die de Friese taal aangaan. Ook individuele redacteuren werden door hem op de vingers getikt, wanneer zij de Nederlandse naam van een water in Friesland gebruikten. Want door Postma's inspanningen zijn de meeste Friese waternamen sinds 2007 officieel in het Fries: het is niet Dokkumer Ee maar Dokkumer Ie. Een poging om zijn Nederlandse nationaliteit in te ruilen voor een Friese slaagde niet.

Ontwaken van passie

Postma werd in 1929 geboren als zoon van een bakker in Holwerd. Het gezin verhuisde niet lang daarna naar Leeuwarden, waar hij opgroeide en de middelbare school bezocht. Pas tijdens zijn studie in Utrecht, waar hij lid was van de Friese studentenvereniging Redbad, ontwaakte de passie voor zijn moedertaal. “It heitelân

tsjinje as heechst ideaal, mei hert en mei hân en mei holle”, werd daar gezongen.

Met zijn vrouw Ymkje Postma-Meester woonde hij lange tijd in Eindhoven. Zij kwam uit Amersfoort en leerde Fries – het echtpaar heeft altijd in die taal geconverseerd. In 1986 verhuisden ze naar Hallum. Van daaruit, en later vanuit zijn woonplaats Bitgummole, spande Postma zich in voor Fryske plaknammen en Friese waternamen.

Erelid van Jongfryske Mienskip

Ook was hij lid van de Jongfryske Mienskip en werd hij in 2019 tot erelid benoemd door commissaris Arno Brok, die hem ‘in wiere beweger’ noemde. Postma was tot het laatst toe actief, zo was hij aanwezig bij de presentatie van de biografie van Tony Feitsma.

Postma is vrijdagmorgen tijdens het lezen van de krant overleden in Graldastate in Menaam. Vrijdag 13 januari wordt hij begraven naast zijn echtgenote op het kerkhof van Ingelum.¹

Oant safier in oersjoch fan guon berjochten út de media. Yn it kommende nûmer fan Nij Frisia jouwe wy omtinken oan de routsjinst foar Bertus en de winsk fan him om oeral yn Fryslân eigentalige plaknammebuorden te hawwen.

--- o O o ---

¹ Ek oan te klikken op: https://lc.nl/friesland/Wiere-beweger-Bertus-Jan-Postma-93-overleden-28153201.html?fbclid=IwAR2nYk0IAbVZS1fkZKuDKscEe3xxO5U8BKu5Sgrr1tTheCvtBrgy4_nlyNM.

² Yn de LC fan 10 jannewaris (s. 31) stie in 'HERSTEL, In het artikel in de krant van maandag over het overlijden van Bertus Jans Postma, die zich vanaf zijn studententijd onvermoeibaar heeft ingezet voor de Friese taal, is een hinderlijke fout geslopen. Hij wordt Bertus Jan Postma genoemd, maar het is Bertus Jans. Ook in de column van maandag is die fout gemaakt.'

Strijder voor Fries Bertus Jan Postma (93) overleden

MENAAM Bertus Jan Postma, onvermoeibaar strijder voor het Fries en erelid van de Jongfryske Mienskip, is vrijdagmorgen overleden. Hij is 93 jaar geworden.

Postma is onder meer bekend door de vele ingezonden stukken die hij ook in deze krant schreef over de Friese taal. Ook individuele redacteurs werden door hem op de vingers getikt, wanneer zij de Nederlandse naam van een Fries water gebruikten. Want door Postma's inspanningen zijn de meeste Friese waternamen sinds 2007 officieel in het Fries: het is niet Dokkumer Ee maar Dokkumer Ie. Een poging om zijn Nederlandse nationaliteit in te ruilen voor een Friese slaagde niet.

Postma werd in 1929 geboren als zoon van een bakker in Holwerd. Het gezin verhuisde niet lang daarna naar Leeuwarden, waar hij op-

groeide en de middelbare school bezocht. Tijdens zijn studie in Utrecht, waar hij lid was van de Friese studentenvereniging Redbad, ontwaakte de passie voor zijn moedertaal.

Met zijn vrouw Ymkje Postma-Meester woonde hij lange tijd in Eindhoven. Zij kwam uit Amersfoort en leerde Fries – het echtpaar heeft altijd in die taal geconverseerd. In 1986 verhuisden ze naar Hallum. Van daaruit, en later vanuit zijn woonplaats Bitgummole, spande Postma zich in voor Fryske plaknammen en waternamen. Ook was hij lid van de Jongfryske Mienskip en werd hij in 2019 tot erelid benoemd door commissaris Arno Brok, die hem „in wiere beweger” noemde.

Postma overleed vrijdagmorgen tijdens het lezen van de krant in Galdastate in Menaam. Vrijdag wordt hij begraven naast zijn echtgenote op het kerkhof van Ingelum.

Boarne: Leeuwarder Courant/
Ljouwerter Krante, 09-01-2023,
s. 15²

Friesch Dagblad 5

Maandag 9 januari 2023

Bertus Postma, strijder voor het Fries, overleden

Menaam | Bertus Jans Postma is afgelopen vrijdag op 93-jarige leeftijd overleden. In 2019 werd hij vanwege zijn verdiensten voor het Fries benoemd tot erelid van de Jongfryske Mienskip.

Dankzij Postma, geboren in Holwert, opgegroeid in Leeuwarden en de laatste paar jaar woonachtig in zorgcentrum Galdastate in Menaam, hebben alle Friese wateren sinds 2007 officieel Friese namen. Hij lobbyde daarvoor met succes bij de provincie en gemeenten. Ook maakte hij zich hard voor Friestalige dorps-, stads en gemeentena-men.

In een interview in het *Friesch Dagblad* in juni 2021 gaf Postma aan dat hij nog steeds spijt had dat hij op 16 november 1951 niet bij Knep-

pelfreed was. Op die vrijdag brak er een opstand uit in Leeuwarden na een rechtszaak over het gebruik van de Friese taal.

Op Facebook stelt de Jongfryske Mienskip dat met Postma's dood 'Fryslân ien fan syn meast tawijde soannen ferlern hat'. Postma was al sinds 1950 lid van de vereniging, die zich sinds 1915 inzet voor de gelijkberechtiging van de Friese taal, cultuur en identiteit.

Ook de FNP betreurt op Facebook het overlijden van Postma. Vooral zijn scherpte zal gemist worden. 'Altyd striidber foar de Fryske saak', stelt de partij. Volgens de FNP was Postma 'út de skroeven doe't de gemeenteried fan Noard-east-Fryslân yn 2021 besleat om de gebietseigen plaknammen wer yn te fieren.'

Boarne: Friesch Dagblad/Frysk Deiblêd,
09-01-2023, s. 5

Fan Tytsjerksteradiel en Boarnsterhim oant Sleattemer Mar en Fryske Peallen

Bertus Jans Postma

Syn krewearjen foar it Frysk en de Fryske plaknammen hat fertuten dien.

Hy ferstoar op freed 6 jannewaris.

Foar Fryslân en foar de FNP hat er in protte betsjuten.

Wy winskje de neibesteanen sterkte ta.

Ut namme fan it Haadbestjoer, Jan Arendz, foarsitter



Boarne: LC (s. 39) en FD (s. 14), tongersdei 12 jannewaris 2023

*Wy hawwe gjin twa talen fan God krige:
ien foar de skuorre en ien foar de tsjerke,
ien foar it folk en ien foar de hearen,
ien foar deis en ien foar sneins,
ien foar de minsken en ien foar God.
Ien taal hawwe wy krige
en dy iene taal is ta alles genôch.*

(E.B. Folkertsma)

De krante lêzend is yn alle frede ûnferwachts ferstoarn ús omke

Bertus Jans Postma

* Holwert,
12 april 1929

† Menaam,
6 jannewaris 2023

Sûnt 19 jannewaris 2019 widner fan syn oare helte Ymkje Marchje Meester

Hja wie syn leafde en libben, hja wie him alles.

Famylje Postma

Wy betankje alle meiwurkers fan Nij Statelân Menaam tige foar de leafdefolle fersoarging fan ús omke.

It ôfskie sil wêze op freed 13 jannewaris om 13.30 oere yn de Ingelumêr tsjerke. Oanslutend sil de begraffenis plakfine op it tsjerkhôf neist de tsjerke.

Fan 13.00 oant 13.30 oere is der gelegenheid ta skriftlik kondolearjen.

Yn De Molewjuk yn Bitgummole is de neisit.

Skriuwadres:
Mw. M. Postma, Jellemaweg 4b, 9801 CK Zuidhorn

In bysûnder bern fan Fryslân is net mear

De Jongfryske Mienskip nimt ôfskie fan syn earelid en fan ien fan de grutte foaroanmannen yn 'e Fryske strid

Bertus Jans Postma

12 april 1929 - 6 jannewaris 2023
ferstoarn yn de âldens fan 93 jier

By alles wat de Fryske saak oangie stie er foaroan om te striden foar it heechste doel



Wy sille him misse

It bestjoer fan de Jongfryske Mienskip

Elske, Jenny, Wolter, Sander en Sjoerd

Boarne: LC, 12-01-2023, s. 39

Us freon en strider foar it Frysk

Bertus Jans Postma

is net mear.

Wy sille syn snjiddigens, wiisheid en stânfêstigens nea ferjitte.

*Betink, it stof glet wer yn lerde ûnder,
lyk as it wie wol leuwen oer ien boech,
de geast lykwol keart werom, o wûnder,
ta God, dy't him de earste sike joech*

(D.A. Tamminga)

Durk van der Schaaf
Yvonne & Onno Hiemsta-Loonstra

De Ried fan de Fryske Beweging hat ôfskie nimme moatten fan syn tige wurdearre en belutsen âld-Riedslid

Bertus Jans Postma

Postma hat jierrenlang weardefolle bydragen levere oan de Ried as lid fan de Plaknammekommisje en as fertsjintwurdiger fan de Jongfryske Mienskip. Hy wie oan 'e ein ta in trouwe besiker fan de gearkomsten fan de Grutte Ried. Wy tinke mei grut respekt oan syn oanhâldende krewearjen foar in rjochtfeardich plak foar de Fryske taal.

Ut namme fan de Ried fan de Fryske Beweging,
Reinder Reitsma, ynterim-foarsitter
Nynke Beetstra, skriuwer



Boarne: Leeuwarder Courant/Ljouwerter Krante, tiisdei 10 jannewaris 2023, s. 36

Ús eigen Taal (42)

Sytze T. Hiemstra

Kronyk fan in Klacht (II)

Hjirûnder folget it twadde part fan myn taalklacht oer meiwurkers fan de GGD-Fryslân. It earste part is finen yn Nij Frisia, nû. 4, winter 2022 (s. 3, 5-8).

23 maaie 2022: ferfolchaksje Tûmba foar myn taalklacht nei de GGD Fryslân ta (e-post)

Dag meneer Hiemstra,
Zojuist contact gehad met de klachtenfunctionaris van de GGD, met de vraag of er nog een reactie kwam op uw laatste brief. De klachtenfunctionaris gaf aan dat het haar zeker niet was ontgaan, ze os bezig geweest met een reactie en staat open voor een gesprek. Ze zal een reactie vandaag of uiterlijk morgen naar u en ons doorsturen.

Ik overleg dan graag nog met u komende week, betreft afhandeling/vervolgstap.

Met vriendelijke groet,
Mei freonlike groetnis,

Ajla Zildzovic Jegic

23 maaie 2022: twadde en no Frysktalige reaksje fan GGD Fryslân op myn taalklacht (e-post rjochte oan Tûmba en my)

Datum: 23 maaie 2022
Jo brief fan: 31 maart

Achte S.T. Hiemstra,

Wy fine it moai dat jo ús krewearjen foar it brûken fan de Fryske taal wurdearje. As Fryske organisaasje binne wy grutsk dat wy der foar de ynwenners fan Fryslân wêze meie. Al ús meiwurkers binne har der ek bewust fan dat sy foar GGD Fryslân wurkje. Wy meitsje gebrûk fan it wetlik ramt Frysk taalbelied. Yn dat ramt stiet be-

skreaun hoe't wy as organisaasje omgean mei de Fryske taal. It Fryske taalbelied is foar alle meiwurkers fan de GGD Fryslân te finen op ús yntranetside.

As organisaasje wolle wy hiel graach dat ús klanten oansprutsen wurde yn har memmetaal. Lykas ik ek al yn de sjenswize oanjoech, is yn de ôfrûne koroanaperioade in berop dien op útstjoerburo's en frijwilligers om ús GGD yn de koroanakrisis te stypjen. Sy sille net altyd op de hichte west hawwe fan it Fryske taalbelied en sille ek net altyd de taal yn de macht hawwe. Yn it krisisperiode mei in tekoart oan meiwurkers, sil it spitigernôch ek net altyd mooglik wêze om in oare meiwurker yn te skeakeljen dy't wol Frysk praat. Mar wy ferwachtsje dat alle meiwurkers de minsken dy't foar in faksinaasje, test of advys by ús komme freonlik, foarkommend en respektfol behannele wurde.

De Fryske taal is foar ús organisaasje belangryk. It is yn in soad gefallen ien syn memmetaal dêr't sy har fragen, emoasjes en soargen it bêst yn ferwurdzje kinne. Meiwurkers wurde dan ek oantrune Frysk te praten wêr't dat mooglik is. Yn it klantkontaktsintrum, mar ek by de Jeugdsûnenssoarch lykas de konsultaasjeburo's, sprekoeren reizgers, TBC, screeners ensaf. wurdt Frysk praat of wurde kliïnten útnûge om Frysk te praten as men de Fryske taal ferstiet.



Sytze T. Hiemstra

Dat Frysktaligen har yn har taalgebrûk oanpasse, is hiel spitich, de Fryske taal en kultuer is kostber. Meiwurkers/teams by de GGD binne frij om posters en buttons mei útnûgjende teksten lykas ‘Praat mar Frysk’ fan de Afûk te brûken, om minsken út te nûgjen om Frysk te praten. Ik sil it Fryske taalgebrûk yn alle gefallen ûnder de oandacht bringe by it management fan GGD Fryslân. Wy betankje jo foar jo suggestjes en taljochting. Ik fertrou derop jo hjirmei foldwaande ynformearje te hawwen en wol dan ek graach dizze klacht ôfslute.

Ut namme fan Nils van Mourik, ôfdielingshaad Koroanabedriuw GGD Fryslân

Freonlik groetsjend,
Miranda Huquenen
Klachtefunksjonaris GGD Fryslân
088-22 99 444
ggdkwaliteit@ggdfryslan.nl

24 maaie 2022: foar de Provinsje Fryslân (Deputearre Steaten e.o.)
(e-post oan dhr. L. Postma fan de Provinsje mei in ôfskrift oan Ajla Zildzovic, Tûmba)

Achte hear Postma,

Op 28-04-2022 haw ik jo/jimme ynformearre (e-post) oer de tuskenstân oangeande myn taalklacht by de GGD Fryslân.

Hjirby taheakke in foar de GGD ôfslutend brief (bylage 220523) oan my. Dat brief befettet wer in protte dierbere wurden oer it belang fan it Frysk, mar neat oer in taalprotokol dat ús taalrjocht op ûnderskate wizen wier garandearret. Har oanpak bliuwt sadwaande frij bliuwend en dat wolle se blykber ek sa hâlde. Ik bin dêr dan ek noch lang net tefreden oer. It bliuwt foar my winliken heaterskjen.

Hoe no fierder? Dat jimme kontakt opnimme mei it management fan de GGD en ek oansteane op in **binend taalprotokol** dat ús rjocht om oeral yn Fryslân Frysk te praten wól foldwaande garandearret? Mei my wol de GGD-klachtefunksjonaris mei har twadde brief ‘dizze klacht ôfslute’. Ik stean dus noch altiten mei lege hannen en kin fierder op dat stik neat mear berikke.

Ik tankje hjirby Ajla Zildzovic Jegic fan Tûmbo tige foar har krewearjen (CC).

Graach jo/jimme (Provinsje Fryslân) reaksje (ynformaasje) oer de fierdere gong fan saken.

Mei rju achtinge en freonlike groetnisse,
Sytze T. Hiemstra
Gerben Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

0512-518927
ffupost@hotmail.com
sthienstra@gmail.com

7 juny 2022: reaksje en aksje fan deputearre Poepjes (e-mail, meast relevante part)

‘[...] In skoftke lien hast, terjochte, mailt oer it gedrach fan de GGD. Rûnom it Frysk. Soene wy der efkes kontakt oer ha kinne? [...]’¹

Mei freonlike groetnis,
Sietske Poepjes

En dêrnei in aardich positive reaksje fan deputearre Poepjes (folslein e-post-berjocht):

Rju achte hear Hiemstra,

Hjoed ha wy jo klacht besprutsen oer de tillefoan (en hoe no fierder). It liket my goed om de saak rûnom “it GGD-ynsidint” yn alle iepenheid te besprekken op it Oerlis Mei-inoar foar it Frysk. Wer allegear bestjoerders by sitte & ek ferstjinwurdigers fan (semi)oerheden.

Miskien kinsto, tegearre mei Tumba, in praatstik foar dit oerlis meitsje? Hoe om te gean mei dit ynsident? Hoe mei in taal-protokol om te gean? Ik wol net sizze dat ik drekt wat regelje kin, mar wy gean it wol besprekken.

@jaqueline Ik wol ek graach in oerlis mei Hiemstra cs ha foar (of nei) it reses. Om inoar efkes op de hichte te bringen fan wat wy dogge.

Mei freonlike groetnis,
Sietske Poepjes

¹ Alle berjochten (e-post) fan de provinsje Fryslân (deputearre Poepjes en amtners) oan my binne yn myn werjefte fan de klacht yn *Nij Frisia* letterlik oernommen, dus sûnder ferbetterings yn taal en teken/stavering.



9 juny 2022: myn reaksje foar deputearre Poepjes oangeande myn klacht(en)

Achte deputearre Poepjes, eale Sietske,

1. *Taalklacht.* Tige tank foar dyn ynstimmend telefoantsje op 7 juny ll. oer myn taalklacht oer guon meiwurkers fan de GGD dy't by de lêste 'boosterprip' fan my en de frou it Frysk net ferstean woene of ferbrekgedrach winsklik achten en dat sokke misstannen it nedige omtinken krije sille by it taalbelied fan de Provinsje.

Myn útstel om ta in *taalprotokol* te kommen dat de rjochten fan de Fryskpraters garandearret en de plichten fan sokke tsjinjende ynstellings om dêrfoar te soargjen, sil ik ek noch oan inkelde oare lju foarlizze (û.o. út de FFU, Sis Tsiis, de JFM en Tûmba). Ek de dúdlike sichtberens fan sokke protokollen foar in elts yn ûntfangstromten en de media (papier en digitaal) liket my fan grut belang. De measte minsken kenne harren taalrjochten net en ferbrekke harren gau. As der mear Fryskkundige lju meitinke, dan komme der grif ek bettere ideeën oer hoe't soks it bêste stal krije kin.

2. *Ynterfrysk kultuerparlemint.* Hjirûnder, lykas ek telefoanysk bepraat, it berjocht fan provinsjaal amtner Jan Slijkhuis fan de stjoergroep FPM (Fryske Projektmasine), dy't it advys fan him krije sil om nét te krewearjen foar in Ynterfrysk kultuerparlemint.

It idee is al inkelde jierren bekend by de Provinsje en de fierdere útwurking stagnearret, mei troch in tekoartsjittende kommunikaasje tusken in provinsjale amtner en de Fryske Rie. De eftergrûnen dêrfan haw ik oanjûn. Faaks kin de Provinsje de knyppunten ferhelpe en wer avensaasje yn de saak bringe.

3. *Skriuwwizer 'Mei freonlike groetnis',* fan Rienk de Haan. Dat punt haw ik ek yn ús petear fannijs efkes op it aljemint brocht. It idee om dat tige weardefolle brie-

veboek mei taalsuggestjes by de tiid te bringen en yn digitale foarm op te nimmen yn it *Taalweb Frysk/Frysker* kriget rûnom grutte wurdearring, ek by de Fryske Akademy (guon taalmeiwurkers en de direksje), mar sit fêst op mankrêft en jildmiddels.

Ik haw it boekje earder altiten by myn Afûk-lesse foar it didaktysk foech brûkt. Ek Henk Wolf brûkt it foar syn studinten (Wolf hat it foar harren digitalisearre omdat it net mear te krijen is) en hat ek foar dat foarstel pleite by de FA. De fierdere útwurking stagnearret likegoed al yn hiel skoft en ik hoopje mar dat de Provinsje wer wat skot yn de saak bringe kin.

4. Ik krige 8 juny oer de e-post fan bestjoerssekretaresse Jacqueline Swart de útnûging om fysyk fierder te praten oer de fierdere útwurking fan myn taalklacht en oare relevante saken op **tongersdei 1 septimber fan 13.00-13.45 oere**, keamer deputearre mr. Poepjes 1.72. Sa't it no stiet, is dat foar my goed mooglik en ik sil der dan wêze. Hooplik mei inkelde oare 'meitinkers' as harren omstannichheden dat talitte. De nammen dêrfan moat ik noch sammelje en jou dy letter troch.

Jitris, Sietske, tige tank foar dyn meilibjend en tige konstruktif telefoanysk petear op 7 juny en hooplik oant sjen op 1 septimber 2022 op it Provinsjehûs, mei hertlike groetnisse,
Sytze T. Hiemstra

ffupost@hotmail.com
sthiemstra@gmail.com
0512-518927

10 juny 2023: reaksje fan deputearre Poepjes (meast relevante part):

Bêste Sytze,

No, dit is in moai oersjoch fan de saken dy't der spylje. [...]

Mei freonlike groetnis,
Sietske Poepjes

It fierdere ferfolch fan myn aksje

It ferfolch en tredde part oer de fierdere ôfhanneling fan myn klacht(en) en winsken komt yn it kommende nûmer fan *Nij Frisia*. Wy binne der noch lang net ...



In bewurking (by de tiid bringe) en yntegraasje fan Mei freonlike groetnis op it taalweb (no: Frysker) sleept al jierren ...

'Ferrekte Hollanners'



Pier Gerlofs Donia (Kimswert, ca. 1480 – Snits, 1520) krige as bynamme 'Kruis der Hollanners' (it byld fan 'Grutte Pier' is makke troch Anne Woudwyk en stiet yn Kimswert).

*L*êsten hie Asing Walthaus in fraachpetear mei Steven de Jong Loer dy syn film 'Grutte Pier'. De kranteman makke dêr de opmerking yn dat de ferkeardelingen yn de film de ferrekte Hollanners binne, dy't Grutte Pier ûnferbidlik ôfmakket (LC, 22 oktober 2022).

De lêste tiid komt it ryksregear yn De Haach noch al ris mei in 'it muoit ús' dat wy yn it ferline sá sûndige hawwe, sûndige yn East- en West-Ynje: slavernij, oarloch, dieverij. En yn Fryslân?

Neffens ús warbere deputearre mr. Poepjes binne taal en kultuer wichtige dragers fan ús identiteit, fan wa't wy binne. En earder al dichte Gerben Colmjon fan 'Sûnder it Frysk gjin Fryske seden, sûnder it Frysk gjin Friezen mear'. De taal hat slim te lijen fan it minne ûnderwiis, dêr't se yn De Haach ferantwurdlik foar binne: op skoalle wurdt it ûnderlizzende Frysk troch it boppelizzende Hollânsk ûnderdrukt. Mar oars as yn East-Ynje en oars as yn West-Ynje krije wy hjir fan Rutte gjin skuldbekentenis, gjin 'ús skuld'. Grutte Pier krige dy ek net, mar hy koe him sels mei syn swurd teminsten skoan rêde.

Bertus Jans Postma, Menaam

PS It boppesteande is op 15 nov. 2022 oan de redaksje fan de Ljouwerter Krante tastjoerd, mar it waard net pleatst. Mar goed dat Nij Frisia der ek noch is!

¹ Op 6 jannewaris 2023 is Bertus Jans Postma ferstoarn en moatte wy tenei syn weardefolle bydragen spitigernôch misse. Wy hawwe noch in oar stikje fan him krige en dat lêste komt yn it kommende nûmer fan Nij Frisia. Op oare plakken yn dizze en de kommende Nij Frisia jouwe wy gâns omtinken oan syn krewearjen foar de Fryske saak.



Sander Hoekstra en Sjoerd Groenhof (JFM) by it Provinsjehûs te Ljouwert foar de **Rede fan Fryslân**, holden troch mr. drs. H.G.J. Bruins Slot, minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes (24 nov. 2022; foto: JFM, sjoch side 28).

It Slavyske Dútslân of it Germaanske Poalen?

Wolter Jetten*



Oant en mei 1944 waarden 600.000 Poalen ferdreaun, suver alle Joaden waarden fermoarde.

De grins tusken Dútslân en Poalen leit sûnt 1945 by de rivieren Oder en Neisse (Neiße). De grins liket hjoed-de-dei sawol steatkundich as kultureel in feitlikheid, mar in dúdlike grins hat der iuwenlang net west. Dútsktaligen en Slavysktaligen wennen al dy tiid troch elkoar binne. Op it mêd fan taal falt der in hiele protte te fertellen. Tsjintwurdich wenje der noch mar in pear lytse taalminderheden yn East-Dútslân en Poalen, mar dat hat wolris oars west.

De Dútske Eastkolonisaasje

Yn 'e Romeinske tiid wennen der al Germanen yn it gebiet dat wy hjoed-de-dei as East-Dútslân en Poalen kenne. Yn 'e 5^{de} iuw ferlieten se harren wengebiet en teagen nei oare plakken yn Europa. De 'Grutte Folksferhuzing' soarge derfoar dat it gebiet eastlik fan 'e Elbe om it jier 500 hinne ferlitten wie.

Yn 'e 6^{de} iuw waard it gebiet eastlik fan 'e Elbe op 'en nij bewenne. De nije bewenners wienen Slavyske stammen dy't út it easten weikamen. De rivieren Elbe en Saale waarden sa rûchwei de grins tusken Germaanske en Slavyske stammen. Yn in suver ûnbewenne lân koenen de Slavyske stammen nije pleatsen en doarpen bouwe. De doarpen dy't se bouden, krigen ek Slavyske nammen. Dêrom binne der hjoed-de-dei noch safolle plakken yn

East-Dútslân dy't fan oarsprong in Slavyske plaknamme hawwe. Dy nammen binne faak oan 'e Dútske taal oanpast, sadat se foar Dútsktaligen better yn it gehoar lizze en makliker te skriuwen binne. Lykwols einige se noch hieltyd op -ow, -itz of -y (bgl. Gustrow, Malchow, Neschwitz, Strelitz, Niesky).

Oant en mei de 9^{de} iuw libben de Slavyske stammen op harsels. Der wienen wolris wat oarloggen tusken de stammen, mar fierders praten se allegear in Slavyske tongfal en se hongen allegear it heidenske leauwe oan. *Op haadlinen liket it Slavyske heidendom wol wat op it Germaanske heidendom. Yn beide gefallen gong it om in natoerreligy mei in ferskaat oan goaden, seizoensfeesten en rituelen. Yn beide gefallen wie der gjin sintrale, dogmatyske lear. In heiden seach net nei regels en ferbieden en fiede al hielendal gjin erfsûnde, de heiden woe in better minske wurde troch syn dieden. Foarâlden en mien-skipswearden wienen foar in heiden like belangryk as de heidenske teology. It Slavyske en Germaanske heidendom hienen in protte (regionale) nuânsen of ferskillen, mar foar it bestek fan dit ferbaal is it foaral belangryk om te witten dat it heidendom gjin sintraal ynstitút ('tsjerkljike' organisaasje) hie.*

Foar midsiuwske hearskers wie de tsjerklike organisaasje dé perfekte gearwurkingspartner om de macht útoefenje te kinnen. It feroverjen fan Slavysk stamgebiet wie dus net genôch, de Slavyske stammen moasten hoe dan ek kristen wurde. Yn 'e 10^{de} en 11^{de} iuw begûn it Hillige Roomske Ryk, de foarrinder fan it Dútske Ryk, mei it feroverjen fan Slavyske gebieten tusken Elbe en Oder (no East-Dútslân). Dat wie de earste faze fan de Dútske Eastkolonisaasje; dêrnei folgje noch in twadde (12^{de}-14^{de} iuw) en tredde (16^{de} iuw) faze.

De earste faze fan de Dútske Eastkolonisaasje wie tagelyk ek de meast gewelddiedige. De heidenske Slavyske stammen woenen har net ta it kristendom bekeare litte en bleauwen trou oan 'e âlde goaden. Yn 963 kamen se yn opstân en befrijden harren stamgebiet fan Dútske hearskippij en kristendom. Net allinnich de Dútske foarsten, mar ek de keningen fan Denemark en Poalen hienen it each op it gebiet tusken Elbe en Oder falle litte. Allegear woenen se it gebiet feroverje en kerstenje. Yn 1147 begûn de Wendyske Krústocht. De foarsten fan it Hillige Roomske Ryk en de keningen fan Denemark en Poalen foelen de Slavyske stammen oan. Mei fjoer en swurd waarden de Slavyske stammen kerstene. De Wendyske Krústocht wie in súkses. Nei de kerstening waarden de earste stikken lân eastlik fan 'e Elbe troch Dútske foarsten ynnommen. Yn it fris ferovere gebiet waarden nije boerepleatsen en doarpen boud, in earste weach fan Dútsktaligen kaam op gong.

Yn 'e 12^{de} iuw begjint de twadde faze fan de Dútske Eastkolonisaasje yn it gebiet dat wy no as East-Dútslân, Poalen, Tsjechië, Kaliningrad en de Baltyske steaten kenne. Hiele lânstreken kamen min-ofte-mear op freedsume wize binnen de tsjerklike en bestjoerlike struktueren fan it Hillige Roomske Ryk. Alle nije doarpen, stêden, tsjerken en kleasters yn dat gebiet foelen automatysk ûnder it Dútske rjocht. In protte wjerstân wie der net. De Slavyske hartoggen fan Pommeren, dy't as fazallen yn 'e nije bestjoersstruktuer opgongen, fûnen de Dútsktalige nijkommers wol bêst. It smiet ommers ekstra belestingynkomsten op.

De befolkingsgroei yn 'e 'âlde Dútske lannen' (westlik fan Elbe en Saale) wie de wichtichste reden foar de grutte migraasje fan Dútsktaligen nei de 'nije Dútske lannen' (eastlik fan Elbe en Saale). Dútske foarsten en Slavyske hartoggen dienen alle war om safolle mooglik Dútsktaligen nei it easten ta te heljen. De nijkommers hienen faak de opdracht om bosk-, berch- of somegebieten yn kultuer te bringen, sadat it lân brûkt wurde koe. Sa ûntstie der yn 'e nije eastgebieten fan it Hillige

Roomske Ryk tusken 1200 en 1400 in twatalich gebiet mei Slavysktalige oerbewenners en in groeiende Dútsktalige mienskip. Op in stuit waard de Dútsktalige befolking sa grut dat de oarspronklike Slavysktalige stammen (taal)minderheden waarden. It kantelpunt lei earne yn 'e lette Midsiuwen.

Neist de migraasje fan Dútsktaligen wienen der ek noch oare stimulearjende ûntwikkelingen foar de fersprieding fan de Dútske taal yn it Eastseegebiet. Yn 'e lette Midsiuwen bloeide de Hânze oan 'e Eastsee en de Dútske Oarder yn it Baltysk gebiet. Platdútsk (oan 'e kust) en Heechdútsk (yn 't binnenlân) waarden de wichtichste ferkearstalen. Nei de Midsiuwen soe de tredde faze fan 'e Dútske Eastkolonisaasje úteinsette. Troch de komst fan taalferbodden, noch mear Dútsktalige migraasje en Dútsktalige stêden hienen de Slavyske talen net folle perspektyf mear. It proses fan taaldea wie al op gong brocht.

It proses fan taaldea en de Slavyske talen

In taal kin stjerre wannear't meartalige minsken in oare taal oernimme en harren memmetaal farre litte. Taalkundigen meitsje yn it proses fan taaldea ûnderskie tusken trije fazen:

- Faze I (taalwiksel): De taal wurdt in minderheidstaal. Faak is der in nije machthawwer dy't syn taal oan it iepenbier bestjoer en de elite opleit. De memmetaal wurdt yn 'e eigen omjouwing noch in protte brûkt, mar hat minder prestiizje.

- Faze II (taalferfal): De minderheidstaal wurdt amper noch trochjûn oan 'e bern. De minderheidstaal wurdt út it stee krongen troch de nije dominante taal. Der kinne noch bern wêze dy't de minderheidstaal leare, mar yn dizze faze nimt de fitaliteit bot ôf. Der ûntsteane saneamde 'healtaligen' dy't de taal net mear goed behearskje. Talen beynfloedzje elkoar altyd, mar yn it proses fan taalferfal wurdt de kearn fan de taal oantaast. Taalferfal fynt meastal plak op in lange glydzjende skaal; it begjint mei in pear ynslûpsels en kin einigje mei grutte feroaringen yn 'e grûnwurdskat en grammatika.

- Faze III (taaldea): De nije dominante taal hat de oarspronklike taal ferkrongen. Resten (wurdsjes, grammatikale konstruksjes en siswizen) fan de âlde taal kinne mooglik noch oernommen wurde yn de nije taal. Dy resten wurde *substraat* neamd.

Tusken 1100 en 1400 kamen de Slavyske stammen ûnder Dútsk bestjoer, de Slavyske talen yn dat gebiet waarden minderheidstalen (faze I). Se hienen te krijen mei taalferbodden en yn alle offisjele domeinen sloech it Dútsk foar master op. Wa't hannel driuwe woe, koe mar

Dútsk prate. Dêrtroch waard it proses fan taalferfal (faze II) op gong brocht. De twadde faze kin men foar it *Slovinsysk* ridlik neigean, mar fan it *Pommersk* is neat opskreaun en fan it *Polabysk* inkeld in bytsje. By dy trije Slavyske tongfallen gong de taaldea (faze III) yn twa stappen: (1) in grutte mearderheid fan de Slavyske stammen gong nei wat politike en maatskiplike druk binnen in pear generaasjes op it Dútsk oer; (2) yn in pear (isolearre) taaleilannen koenen de Slavyske talen noch hiel lang trochlibje foardat úteinlik de lêste sprekkers stoaren.

It taalgebiet fan it *Polabysk* lei sa likernôch tusken Elbe en Eastsee. Nei de Wendyske Krústocht kaam in grut part fan de Polaben ûnder Dútsk bewâld (faze I). Yn 'e 15^{de} iuw ferdwûn it Polabysk oan 'e Eastsee. Om 1700 hinne wennen de lêste sprekkers westlik fan 'e Elbe yn it isolearre heuvelgebiet Drawehn. Op dat momint waard de taal troch ûndersikers dokumintearre. Yn dy optekeningen is de Dútske ynfloed op it Polabysk goed te merkbiten (faze II). Oan in útdrukking as 'slap vol' (lekker koese) is de Leechdútske ynfloed fan 'slaap woll' te sjen. Yn 1756 stoar it Polabysk út (faze III). De lêste memmetaalsprekster, Emerentz Schultze, waard 88 jier.

It *Pommersk* wie de Slavyske taal fan Pommeren. Der binne gjin Pommerske teksten oerlevere. Wol is der oer de taal skreaun, sadat it bestean derfan bekend is. Earne yn 'e 18^{de} iuw binne de lêste sprekkers stoarn.

Oan it *Slovinsysk* is te sjen dat it útstjerren fan in taal hiel lang duorje kin. It taalgebiet, eastlik fan de stêd Slupsk, waard yn 'e 13^{de} iuw ûnderdiel fan it Hillige Roomske Ryk (faze I). Yn 'e iuwen dêrnei waard it Dútsk de dominante mearderheidstaal en de oarspronklike taal rekke yn ferfal (faze II). De taal waard pas oan 't begjin fan de 19^{de} iuw troch taalkundigen beskreaun. Yn 'e lettere 19^{de} iuw en begjin 20^{ste} iuw binne ferskate teksten optekene, mar sa't it liket hat net ien besocht om de taal fan 'e ûndergong te rêden. De taal waard yn 1945 troch in pear âlde minsken praat. Nei de gaos fan 1945, it bluodderige eastfront en it ferdriuwen fan 'e Dútske befolking yn East-Europa, waard der neat mear fan it Slovinsysk fernommen (faze III).

It *Kasjûbysk* is nau besibbe oan it Slovinsysk en wurdt oan 'e Bocht fan *Gdańsk* sprutsen. Kasjûbysk en Slovinsysk wurde ek wol 'East-Pommersk' neamd. De taaldea (faze III) is foar it Kasjûbysk noch net yn sicht. Neffens in folkstelling út 2011 koenen sa'n 108.000 minsken Kasjûbysk prate. Der wurdt besocht om mei ûnderwiis en politike stipe de taal te rêden, mar krekt de

politike stipe nimt de lêste jierren ôf. It nasjonaal-konservative Poalske regear besuniget flink op ûnderwiis yn minderheidstalen. Boppedat wurdt it Kasjûbysk faak as Poalsk dialekt sjoen. As argumenten wurde opfierd dat it Kasjûbysk in Slavyske taalfariant is en dat der gjin standertskriuwtaal bestiet. Sûnder brede maatskiplike wurdearring en skriuwtaal rekket it Kasjûbysk grif fierder yn ferfal (faze II).

Omfolking

Foar de nazys wie de *Drang nach Osten* en it feroverjen fan *Lebensraum* yn East-Europa in histoaryske en suver 'hillige' opjefte fan it Dútske folk. Sy seagen it faak as in fuortsetting fan de Dútske Eastkolonisaasje. De lêste Slavyske ynfloeden yn it easten fan it Tredde Ryk moasten foar altyd ferdwine. Dêrom waarden Slavyske plaknammen *germanisearre*. Sa wie de Silezyske doarpsnamme *Polkwitz* foar de nazys net Dútsk genôch en dêrom waard yn 1937 de namme feroare yn *Heerwegen*. Doe't Heerwegen yn 1945 by Poalen kaam, krige it de namme *Polkowice*.

In oar foarbyld fan de 'nasjonaal-sosjalistyske Eastkolonisaasje' wie de foarming fan de ryksgou *Wartelân* (Dútsk: *Wartheland*). Yn 'e hjerst fan 1939 wennen der 4,9 miljoen minsken yn it Wartelân: 4,19 miljoen Poalen (85%), 385.000 Joaden (7,7%) en 325.000 Dútsers (7%). Oant en mei 1944 waarden 600.000 Poalen ferdreaun, suver alle Joaden waarden fermoarde. Der waarden sawat ien miljoen Dútsers nei it gebiet ta helle. It ferdútskjen of germanisearjen ferrûn lykwols dreech. Ein 1944 wie 'noch mar' 27% fan 'e befolking Dútsk.

Doe't de Twadde Wrâldoarloch foar nazy-Dútslân ferlern wie, waarden sa'n 12-14 miljoen Dútsers út East-Europa ferdreaun. In protte minsken yn de Dútske eastgebieten seagen it swurk al driuwen en flechten nei it westen ta, faak noch foar't de Sowjets harren doarpen en stêden ynnimme koenen. Nei de iuwenlange Eastkolonisaasje en de Twadde Wrâldoarloch koenen de Russen en oare Slavyske folken wraak nimme. Dat wie yn alle gefallen it útgongspunt fan de *Polski Związek Zachodni* (PZZ), in groep Poalske nasjonalisten dy't de oarspronklike Slavyske gebieten oant en mei de Elbe ûnder Poalsk bewâld bringe woe. De PZZ wurke gear mei de kommunisten, mar foar 't neist wie harren ynfloed op 'e kommunistyske machthawwers net botte grut.

It Dútske Ryk moast nei de Twadde Wrâldoarloch syn grûngebiet eastlik fan de rivieren Oder en Neisse ôfstean. It grutste part fan 'e Dútske eastgebieten foel tenei ûnder it Poalske 'Ministearje foar Weromwûne



Doe't de Twadde Wrâldoarloch foar nazy-Dútslân ferlern wie, waarden sa'n 12-14 miljoen Dútsers út East-Europa ferdreaun. In protte minsken yn de Dútske eastgebieten seagen it swurk al driuwen en flechten nei it westen ta.

Gebieten'. In grut part fan de Dútsers dy't noch net nei it westen ta flechte wienen, waard yn 1946/47 twongen om Poalen te ferlitten. Yn de jierren 1944-1950 binne der yn totaal sa'n 8,5 miljoen Dútsers út it nije Poalen flechte of ferdreaun.

Doe't yn 1950 it grutste part fan de Dútsers út Poalen ferdreaun wie, begûn de *de-germanisearring* (Poalsk: *odniemczanie*). Dútsktalige opskriften op gebouwen, tsjerken en monuminten waarden fuorthelle, Dútske (efter)nammen waarden polonisearre en yn 'e iepenbiere romte mocht gjin Dútsk mear brûkt wurde. Sa'n 1,2 miljoen Dútsers ferhuzen tusken 1950 en 1989 fan Poalen nei West-Dútslân.

It *Twa-plus-Fjouwer-Ferdrach* waard op 12 septimber 1990 troch de beide Dútske steaten, de Feriene Steaten fan Amearika, Frankryk, it Feriene Keninkryk en Ruslân ûndertekene. Dêrmei waard de Oder-Neissegrins, dy't winliken al sûnt 1945 bestie, formeel fêstlein. Sa kaam der in ein oan de grinsfraach tusken Dútslân en Poalen. Út en troch wienen der noch wol Dútske en Poalske nasjonalisten mei ymperialistyske fantasyen, mar se waarden yn beide lannen net foar fol oansjoen. Yn 1991 waard de Dútske minderheid troch it Poalske parlemint erkend, yn 2005 waard dy erkenning mei Europeeske ferdraggen bekrêftige.

Dútsktalige minderheid yn Poalen


By de Poalske folkstelling fan 2011 joegen 147.814 minsken oan dat se 'Dútsk' wienen. De grutte mearder-

heid dêrfan (78.595 minsken) wenne yn 'e provinsje *Oppeln* (Poalsk: *Opole*). Benammen yn it easten fan 'e provinsje binne der in protte Dútsktalige ferieningen, yn in pear gemeenten foarmje Dútsktaligen sa'n 40% fan 'e befolking.

Nettsjinsteande de subsydzjes fan 'e Dútske oerheid stiet de Dútske minderheid yn Poalen foar grutte útdagingen. De provinsje Oppeln is in krimpgebiet; it ôfrûne desennium is de befolking fan Oppeln mei sa'n 5% krompen. Neist de algemiene fergrizing spilet de emigraasje fan Dútsktaligen nei 1991 noch altyd in rol. In soad Dútsers sochten in better hinnekommen yn it ekonomysk sterkere Dútslân. Fergrizing en emigraasje binne mjitber, mar in dúdlik byld fan de totale omfang fan 'e Dútske minderheid kriget men dêr noch net troch. By de Poalske statistiken moat men ommers rekken hâlde mei de attitude fan de dielnimmers. In protte minsken binne noch hieltyd benaud om by de folkstellingen de nasjonaliteit en/of taal 'Dútsk' oan te krusen. De krimpende Dútsktalige befolking soe samar in stik grutter wêze kinne as de statistiken ús fertelle.

Hoewol't de Dútske minderheid nei 1991 wat taalrjochten krigen hie, wêrûnder taalûnderwiis en twatalige opskriften (op plaknammebuorden, monuminten, paadwizers yn it gemeentehûs), wurdt de Dútske minderheid flink bedrige. Nei goed 75 jier wurde Dútsktaligen troch 'in relatyf grut' part fan de jonge(re) generaasjes noch altyd foar nazys oansjoen. Dútske politisy wurde bedrige, Dútske opskriften wurde geregeld

Bevölkerung Mitteleuropas um 895.



Ostdeutsche Kolonisation.



De befolking fan Midden-Europa om 895 hinne en de East-Dútske kolonisaasje.

oerferve. De lytse Dútske minderheid liket foar guon noch hieltyd in grutte bedriging. De Dútske minderheid docht syn stjonkende bêst om de Poalske mearderheidsbefolking net te provosearjen. Wannear't Dútske ferieningen filmkes online sette, soargje se suver altyd foar Poalske ûndertitels. Sa kinne de Poalsktaligen meilêze en Dútsktaligen meitsje de kâns op fertocht-makkerij lytser. Sûnt 2015 beskikt de Dútske minderheid yn Oppeln oer Dútsktalige fuotbalskoallen, dêr't fuotbal en Dútske taal boartsjendewei by elkoar komme. De *Miro Deutsche Fußballschule* is ferneamd nei de fuotbalspiler Miroslav Klose, dy't yn Oppeln berne is en yn it Dútsk nasjonale alvetal spile hat. Poalske bern kinne ek meifuotbalje en dogge dat ek. It is ien fan de wifoefolle inisjativen fan de Dútske minderheid om it ferline te ferjitten en yn 'e geast fan bruorskip gear te wurkjen.

Yn 2022 kaam der in grutte politike klap op de kulturele Dútsk-Poalske ferhâldingen. De nasjonaal-konservative PiS-partij besunige bot op it Dútsk as ûnderwiistaal. Ynstee fan trije lessoeren bliuwt der foar de Dútske minderheid noch mar ien oerke Dútske les yn 'e wike oer. It jild dat frijkomt, moat nei Poalske lessen yn Dútslân gean. Der wenje ommers sa'n twa miljoen Poalen yn Dútslân. Lykwols foarmje de Dútsers yn Poalen in his-

toaryske minderheid en de Poalen yn Dútslân binne ymmigrantent lykas de Russen, Turken en Syrjers. En it liket foarearst noch net dien te wêzen mei de provokaasjes fan de nasjonaal-konservativen. 'Poalen sil noch mear maatregels nimme as it Dútske regear net om lyk wol', die PiS-parlemintariër Janusz Kowalski yn april 2022 te witten.

De Sorben yn East-Dútslân

De *Sorben* binne mei harren skiednis fol hichtepunten en djiptepunten in ferhaal apart. De Sorbyske taal is noch net útstoarn en de Sorben wenje as iennichste Slavyse taalminderheid noch altyd yn it moderne Dútslân.

Hjoed-de-dei binne der noch sa'n 20.000 Sorben. Der binne twa Sorbyske talen: de measten prate Heechsorbysk, in lytse groep praat Leechsorbysk. De Sorben wenje yn 'e Lausitz, in regio yn 'e East-Dútske dielsteaten Brandenboarch en Saksen. De namme Lausitz komt fan de Lusitzi, in âlde Slavyse stam. Hjoed-de-dei binne de Sorben erkend as ien fan 'e fjouwer nasjonale minderheden fan 'e Bûnsrepublyk Dútslân. De oare trije nasjonale minderheden binne de Friezen, Denen en Sinti/Roma.

Krimp en bloei

Yn 'e Midsiuwen wie it taalgebiet in hiel stik grutter as de hjoeddeistige Lausitz: de rivier Saale yn it westen, de hjoeddeistige Dútsk-Tsjechyske grins yn it suden, de Neisse yn it easten en de stêderige Wittenberg-Berlyn-Frankfurt (Oder) yn it noarden. Mei de twadde faze fan de Dútske Eastkolonisaasje (1200-1400) waard dat hiele gebiet opsûgd yn 'e tsjerklike en bestjoerlike struktuer fan it Hillige Roomske Ryk. It Sorbysk moast tenei konkurrearje mei it Dútsk (faze I).

Oan 't begjin fan de 16^{de} iuw wie it Sorbyske taalgebiet flink krompen. Yn it foarste plak troch assimilaasje fan grutte groepen Sorben. Los fan in pear lytse taaleilannen by Wittenberg en Meißen wie de Lausitz it lêste taalbastion fan it Sorbysk. De Lausitz wie oan 't begjin fan 'e 16^{de} iuw in relatyf tichtbefolke gebiet mei sa'n 195.000 ynwenners. It oantal Sorbysktaligen waard op 160.000 rûsd. Mei 16^{de} iuwske statistiken moat lykwols foarsichtich omsprongen wurde, sa krekt binne de sifers net, mar út alles docht bliken dat de mearderheid fan 'e Lausitz Sorbysktalich wie. Op it Lausitzer plattelân like sels sprake te wêzen fan in homogeen taalgebiet, dêr't it Dútsk noch gjin rol spile.

Nei de Midsiuwen waard der hieltyd faker yn 'e folkstaal skreaun en hieltyd minder yn it Latyn. Mei de tanimmende ynteresse foar de folkstalen bloeit de Sorbyske taal yn 'e Lausitz ek op. Al yn 'e 16^{de} iuw ferskynde der in Sorbyske bibeloersetting, tusken 1688 en 1728 ferskynden der 31 boektitels yn 'e Sorbyske taal. Oars as de oare Slavyske gebieten hie de Lausitz (noch) net folle lêst fan 'Dútsktalige nijkommelingen' en taalferbodden. It Sorbysk wie in libbene en groeiende taal. Om 1700 hinne soe it oantal Sorbysktaligen sawat 300.000 west hawwe. De 18^{de} iuwske Ferljochting en 19^{de} iuwske Romanityk droegen tige by oan 'e Sorbyske identiteit. Der ûntstie in eigen Sorbyske parse mei kranten en tydskriften, Sorbyske ferieningen skeaten út de grûn. It groeiende tal sprekkers en it ûntweitsjen fan in nij kultureel bewustwêzen waard troch de machthawwers mei in skalk each besjoen.

Delgong fan de Sorbyske taal en kultuer

Yn 1667 en 1668 makken Dútsktalige foarsten nij taalbelied mei as doel de Sorbyske taal 'ôf te skaffen'. Dat taalbelied waard yn 'e 18^{de} iuw mei hurde hân tapast. Troch ûnderwiis en tsjerketsjinsten moast de jongerein yn 'e Dútske taal ûnderdompele wurde. De Frânske tiid hie ek grutte gefolgen foar de regio. Yn 'e rige fan Napoleontyske oarloffen waarden in stikmannich fjildslaggen yn 'e Lausitz útfochten. It leger fan Napoleon wûn de



Buordsjes yn de twatalige (Dútsk en Poalsk) gemeente Czissek/Cisek yn de Poalske provinsje Oppeln (Opole) oan de lofterigge fan de rivier de Oder.

Slach by Bautzen (1813) tsjin Prusen en Ruslân. Tsientûzenen soldaten rekken yn 'e fjildslach fan 20 en 21 maaie dea of ferwûne. De lokale befolking waard slim troffen troch it oarlochsgeweld. Yn 1815 soe it tal Sorbysktaligen om de 250.000 lizze.

Mei it *Kongres fan Wenen* yn 1815 waard de Lausitz opdield yn twa gebieten: Leech-Lausitz en Heech-Lausitz. De regio Leech-Lausitz hat in flak of gloaiend lânskip, waard mei it Kongres fan Wenen ûnderdiel fan Prusen en hie yn 1815 sa'n 200.000 Sorbysktaligen. De regio Heech-Lausitz hat mear heuvels en bergen, waard mei it Kongres fan Wenen ûnderdiel fan it hartochdom Saksen en hie yn 1815 sa'n 50.000 Sorbysktaligen. Foaral de Prusen wienen effektyf yn it bestriden fan it Sorbysk. By de folkstelling fan 1900 krústen noch mar 93.032 minsken Sorbysk as memmetaal oan. Yn it *Dútske Ryk* (1871-1918), de *Weimarrepublyk* (1918-1933) en benammen it *Tredde Ryk* (1933-1945) waard it Sorbysk mei gerjochtsoardielen, taalferbodden, ientalich ûnderwiis en germanisearing fierder ûnderdrukt.

Ûnder Dútsk-nasjonaal bestjoer waarden de Sorben hieltyd wer tsjinwurke. In koepelorganisaasje foar alle



De Serbska šula (Sorbyse skoalle) yn Bautzen (Dútslân), in Sorbysk taalsintrum foar wittenskip en ûnderwiis.

Sorbyse ferieningen waard al yn 1848 oprjochte, mar in jier letter wer ferbean. Pas yn 1912 waard nei in protte tsjinakseljen fan 'e Dútske kant de koepelorganisaasje *Domowina* oprjochte. Domowina is krekt as hjoed-de-dei de Ried fan de Fryske Beweging in koepelorganisaasje, mar dan mei betelle meiwurkers, mear subsydzje en foech. Yn 1937 waarden alle aktiviteiten troch de nazys ferbean. Twa dagen nei de kapitulaasje fan nazy-Dútslân waard de Domowina fannijs oprjochte en ek diskear waarden de aktiviteiten troch de DDR ûnderdrukt, omdat de organisaasje separatistyske trekjes hawwe soe. Pas doe't Domowina ûnderdiel fan it totalitêre kommunistyske rezjym waard, krige de organisaasje wer mear frijheid. Mei it opgean yn it kommunistyske systeem ferlear Domowina yn brede rûnten fan de befolking it draachflak.

Foar de Sorbyse beweging wie it *kommunisme* like desastreus as it *nasjonalisme*. De taal sels krige wól alle romte yn 'e DDR. Dêr binne ferskillende redenen foar te neamen: (1) de Sovjets woenen graach sjen litte dat sy alle folken lyk behannelen en (2) dat alle folken yn it kommunisme opgean koenen. Boppedat mocht de Slavyske bân tusken Russen en Sorben net fergetten wurde.

It Sorbysk waard yn 'e grûnwet fan 'e DDR opnommen. Op it mêd fan ûnderwiis, kultuer, wittenskip en bestjoer krigen de Sorben alle romte foar harren taal. Sorbyse skoallen en taalorganisaasjes krigen relatyf

grutte jildsommen. Yn grutte parten fan 'e Lausitz waard Sorbysk as ûnderwiistaal ynfierd en troch twatalige opskriften kaam it Sorbysk yn 'e iepenbiere romte werom. Salang't de Sorben mar yn 'e pas rûnen mei it kommunisme, wie der fan alles mooglik.

De ynstitusjonele stipe yn 'e DDR wie net genôch om it taalferfal (faze II) op te kearen. Nei 1945 kamen der ommers in hiel soad 'Heimatvertriebenen' (Dútske flechtlingen út East-Europa) yn it gebiet te wenjen. Dêrneist waarden sa'n 100 doarpen en buorskippen foar de brúnkoalwinning ôfbrutsen, sa'n 10.000 Sorben moasten ferhúzje, hiele Sorbysktalige mienskippen foelen útinoar. Wylst yn 1815 noch 250.000 minsken Sorbysk prate koenen, waard it oantal Sorbysktaligen yn 'e jierren njoggentich op sa'n 20.000-30.000 rûsd. Nei sa'n 180 jier fol nasjonalisme en kommunisme wie it oantal Sorbysktaligen mei 90% ôfnommen!

Aktuele taalsituaasje

Nei de ienwurding fan Dútslân waarden de Sorbyse taalrjochten út de DDR-tiid yn 1991 nochris bekrêftige. It Sorbysk waard as selsstannige taal erkend, mar yn 'e praktyk binne der twa Sorbyse talen:

- It *Leechsorbysk* wurdt yn 'e regio Leech-Lausitz (dielsteat Brandenboarch) praat en soe hjoed-de-dei sa'n 7.000 sprekkers hawwe. Sawat alle memmetaalsprekkers binne oer de 70 jier. De Poalske Sorabist prof. Tadeusz Lewaszkiewicz skreau yn 2016 dat der op syn heechst noch twahûndert minsken Leechsorbysk prate kinne.



Wolter Jetten foar in dûbeldtalich kom- of plaknammeboerd fan Crostwitz (Heechsorbyisk: Chrósćicy), Landkreis Bautzen, Dútske dielsteat Saksen). Crostwitz is in wenplak en in gemeente. It is in sintrum fan it offisjele wengebiet fan de Sorben (foto: Wolter Jetten).

- It *Heechsorbyisk* wurdt yn 'e regio Heech-Lausitz (dielsteat Saksen) praat. Foar it Heechsorbyisk sjocht de situaasje mei sa'n 15.000-20.000 sprekkers der in bytsje better út. Noardwestlik fan de stêd Bautzen binne noch fiif doarpen mei in Sorbyisktalige mearderheid. *Chrósćicy* (Dútsk: Crostwitz) hat mei 84,4% it heechste persintaazje Sorbyisktaligen. De fiif doarpen (en byhearrende buorskippen) foarmje mei-inoar in Sorbyisktalich kearngebiet.

Beide talen hawwe elts harren eigen standerttaal. Der binne in pear oergongsdialekten, mar yn prinsipe hawwe de Leechsorben en Heechsorben grutte swierrichheden om elkoar te ferstean.

Sawol it Leechsorbyisk as it Heechsorbyisk hat in ynnovatyf skoalsysteem en relatyf in protte oerheidssubsydzje. Boppedat hat benammen it Heechsorbyisk in ynferhâlding wiidweidich ûnderwiisnetwurk. Yn it basisûnderwiis hawwe 25 basisskoallen it Heechsorbyisk as ferplichte skoalfak. Yn it fuortset ûnderwiis brûke sân ynstellingen it Heechsorbyisk as ynstruksjetaal, trije ynstellingen hawwe it as ferplichte skoalfak en ien ynstelling biedt twatalich ûnderwiis (Heechsorbyisk-Dútsk) oan.

Mei sa'n grut ûnderwiisoanbod en in protte ferieningen en subsydzjes hat it Heechsorbyisk alle kâns om te oerlibjen. Teminsten, sa liket it. De driging foar it Heechsorbyisk komt lykwols út in oare hoeke. De bertesifers

yn 'e regio binne relatyf leech en as gefolch dêrfan wurde de skoallen lytser. Yn Chrósćicy wie dat reden genôch om gjin fuortset ûnderwiis mear oan te bieden. Dêrneist is der amper wurkgelegenheid yn 'e regio. De Lausitz is ien fan 'e earmste streken fan Dútslân.

Nettsjinsteande de ekonomyske situaasje fan East-Dútslân en de driigjende taaldea fan it Leechsorbyisk, binne der noch hieltyd Leechsorben dy't de taal nije ympulzen jouwe. Sa hawwe sy ûnder de wurknamme 'Zorja' in projekt op gong brocht om tsien jonge folwoeksenen in jier lang yn in wengroep by elkoar wenje te litten. De dielnimmers moatte tsjin betelling alle wiken minimaal tritich oeren mei de Leechsorbyiske taal dwaande wêze. Nei dat jier soenen de tsien jonge minsken in lytse taalmienskip foarmje moatte. Yn Noard-Amearika wienen lyksoartige projekten mei Yndianetalen in grut súkses.

Ta beslút

Mei de komst fan de Oder-Neissegrins is de grinsfraach wol oplost, mar de takomst fan de minderheden oan beide kanten fan 'e grins is ûnwis.

Minderheidstalen hoege net altyd út te stjerren. De sprekkers fan in minderheidstaal kinne harren taal troch politike macht ek belangriker meitsje. Sjoch mar nei it Frânsk yn Quebec, it Papiamintsk op Kurasao (Curaçao), it Dútsk yn Súd-Tirol en it Katalaansk yn Kataloanië. Hiel efkes like it derop dat it Sorbyisk yn 'e DDR in lyksoartige status krije soe.

Minderheidstalen oerlibje fansels it bêste as eltsenien de taal trochjout oan 'e bern. As dat (om hokfoar reden dan ek) net dien wurdt, komt it op *identiteit* en *ûnderwiis* oan. En dy twa kinne net fan elkoar skieden wurde. Mei goed ûnderwiis allinnich rêdt men it net op. Men kin fansels de minderheidstaal op skoallen ferplichte stelle, mar in ridlik oanpart fan de befolking moat de taal dêrnei wol brûke wolle. Sûnder *identiteit* (lês: driuwfear) kin men in taal allinnich mar yntellektueel oerein hâlde. Wa't de *hearts and minds* net feroverje wol, kin neffens my better in oare hobby sykje. Identiteit en ûnderwiis kinne ek op in kreative wize by elkoar komme. Sjoch mar nei it foarbyld fan de Leechsorbyiske wengroep of de Dútsktalige fuotbalskoallen.

* *Wolter Jetten (1984) wennet yn Timmel (in doarpke tusken Auwerk/Auerk en Lear/Lier, East-Fryslân, Dsl.) en is skathâlder fan de Jongfryske Mienskip.*

Protest fan Rients Wartena by de Rede fan Fryslân



Sander Hoekstra (foarsitter JFM) by in protestboerd fan **Rients Wartena** (âld-leraar fuortset ûnderwiis) foar it Provinsjehûs foar de **Rede fan Fryslân** fan minister mr. drs. H.G.J. Bruins Slot fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes op 24 nov. 2022 (foto: Sjoerd Groenhof).

Wartena hie by syn demonstraasje foar de yngong fan it Provinsjehûs in dûbeldtalich (Hollânsk en Frysk) struibriefke foar de besikers fan de 'Rede fan Fryslân'. Hjirûnder folget syn Frysktalige wjergader:

Achte lêzer,

As in plant gjin wetter kriget, dan giet dy plant dea. As in taal net droegen wurdt troch bestjoer en ûnderwiis giet dy taal dea. De ryksoerheid, it bestjoer, wegeret om it Frysk te brûken tsjin Frysktaligen, sels in masine, de digitale oerheid, wurdt wegere Frysk te brûken. It ûnderwiis stipet it Nederlânsk en lit it Frysk fersleaukje. As in 18-jierrige fan skoalle komt, hat dy persoan noch gjin 5% oan Frysktalige lessen hân. Yn 1969 spriek 71% fan de húshâldings Frysk, no noch 40%. De ryksoerheid en de provinsje foldogge net oan harren soarchplicht en wegerje de nedige maatregels te nimmen, lykas:

- De Digitale Oerheid yn it Frysk beskikber te stellen;
- Yn it ûnderwiis likefolle lessen yn it Frysk as yn it Nederlânsk;
- Wurkje oan it op 'en nij berikken fan 70% Frysktalige húshâldings.

Rients Wartena

Minister Hanke Bruins Slot hâldt de **Rede fan Fryslân** op it Provinsjehûs (24/11/2022) en is sûnt jannewaris 2022 minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes yn it kabinet Rutte IV (foto: Sjoerd Groenhof).



Fachaufsicht Friesischunterricht - wie geht es weiter?

Die nordfriesische Lehrerin Lena Grützmaker war bisher in drei Funktionen für den friesischen Schulunterricht zuständig, eine davon hat sie jetzt abgegeben. Sie war vom 1. August 2017 bis 31. Juli 2022 die Fachaufsicht für Friesisch im Bildungsministerium. Dazu war sie vom Schuldienst mit zwei Stunden wöchentlich abgeordnet. Diese Funktion hat sie abgegeben, die Stelle ist derzeit vakant und wurde neu ausgeschrieben. Außerdem ist Lena Grützmaker seit dem 1. August 2017 Landesfachberaterin und Studienleiterin für Friesisch. Für diese Funktionen ist

sie derzeit mit vier Wochenstunden ans Institut für Qualitätsentwicklung an Schulen Schleswig-Holstein (IQSH) abgeordnet.



Bildungsministerium Kiel

Foto: Creative Commons

In friesischen Kreisen gilt Lena Grützmaker als engagierte und loyale Verteidigerin friesischer Interessen. Sie hat seit Jahren Verbesserungen für friesischen Schulunterricht gefördert und auf Missstände deutlich hingewiesen. Das Bildungsministerium sucht jetzt nicht nur eine neue Fachaufsicht, sondern befristet bis Sommer 2025 zusätzlich zwei Lehrkräfte, die für je wöchentlich zwei Stunden Lehrmaterial für den Friesisch-Unterricht erstellen. Ob das ausreichende Maßnahmen sind, um die Misere im friesischen Schulunterricht zu beenden, bleibt die Frage. *cr*

6

Nordfriesland 220 – Dezember 2022

Wurdt der yn Noard-Fryslân (Dsl.) wol genôch dien oan it ûnderwiis yn it Noard-Frysk of bliuwt it in grut lijen?

Kollum fan Jaap Slager (21)*

Bûtenspul



It Hollânsk regear sette de bûtenspulfal op foar it Frysk ...

Master, master ... juffer sei dat hjir in pear hûndert jier lyn *Nederlânsk* praat waard.

– Dat wurdt der hjoed noch praat, Ulbe, want Frysk is ek Nederlânsk. Nederlânsk is in *sammelnamme*, sjuch? It Frysk is ien fan de talen yn 'e Nederlannen – koartwei, *in* Nederlânske taal. Wat eltsenien yn de Nederlannen doedestiids op skoalle learde, wie *Hollânsk* – in oare Nederlânske taal, dy't no hast útstoarn is sa't wy okkerwyks bepraat hawwe. It nuvere wie dus dat ek bûten Hollân, yn de oare Nederlannen, it Hollânsk foar master opsloech. Dat gou foar Grinslân oant en mei Seelân. En ek foar Fryslân ...

– Learden de Friezen doe in *deade* taal op skoalle?

– De Friezen learden doe net allinnich Hollânsk as *fak*, der waard *lesjûn* yn it Hollânsk – it wie *de taal fan oarder*. It wie de taal yn it sosjale libben – op skoalle, yn 'e winkel, by ynstânsjes, yn 'e krante, op 'e tillefyzje ...

– Wat binne dat, master, krante en tillefyzje?

– Dat sil ik in oare kear wolris útlizze, Hawar. Wêr't it my no efkes om giet, is útlizze dat ús memmetaal doe wakker yn 'e lytse loege siet en al aardich nei it tsjerkhôf rûkte.

– Hoe kin 't sa, net te leauwen!

– Och, Douwe, soks is sa âld as de wrâld ... in hearskjende klasse dy't oaren de mûle snuorje wol. En de hearskjende klasse hie doe syn sit yn it Hollân. Tsjja ... en de minske is no ienkear in nuet keppeldier ...

– Friezen nét!

– Doe ál, sa't it skynt, Pibe. Der wiene wol guon gewearde keardels ... eh, meast froulju wol my oan, no't ik it yn my omgean lit ... dy't op 'e barrikaden stiene foar har memmetaal, mar ... hja lieten har lytsman meitsje ... lytser as hja wiene, bedoel ik. Hoe sil ik jimme dat ferdútse?

Sjuch, in apel kin wol read wêze, mar ... dat hat net automatysk yn dat alles wat read is, in apel is. Begripe jimme? Sa wie it Hollân wol ien fan de Nederlannen, mar dat betsjutte net dat alle Nederlannen yn it Hollân leine. Dat is net sa dreech nei te kommen wol? Hja hawwe dat oars wol klearkrige, hear – dat alleman en wrâld de Nederlannen *Hollân* neamden – mar hja hawwe har doe skytskoarjend beret, ûnder druk fan de omlizzende lannen. Klear!

Dat jildt dus ek foar de taal. Hollânsk wie wol Nederlânsk, mar dêrmei wie *Nederlânsk* net automatysk Hollânsk. It regear die yn dy snuorje lykwols krekt oft dat al sa wie. It makke it Hollânsk dus folle grutter as it feitliks wie. Hawwe jim dat? En doe't it de omlizzende lannen safier krige en bau dat sa froed as Bijke nei, doe stiene de talen yn de oare Nederlannen automatysk bûtenspul, no? Oars sein, it regear, dat syn sit yn it Hollân hie, sette de *bûtenspulfal* op en de oare Nederlannen – Fryslân mei – rûnen dêr allegearre blynseach yn. Begripe jimme?

– Net in grevell!

– Goed, Douwe, oar foarbyld ... Hokker talen wurde der praat yn Switserlân?

– Frânsk en Dútsk!

– Krekt!

– Italjaansk!

– Hast gelyk, Hawar! Der wurdt ek Italjaansk sprutsen. Lit ús no efkes krekt dwaan oftsto in Italjaanske Switser bist en oft Douwe in Dútske Switser is. Ik spylje in Frânske Switser en sis mei in slach yn 'e rêch tsjin jimme: 'Ik ferstean jimme net! Jimme moatte *Switsersk* tsjin my prate!' Wat sizze jimme dan tsjin mij?

– Master is gek!

– No binn' y der!

* Jaap Slager (*Ljouwert, 1958*) wennet yn Portugal en docht oersetwurk yn ûnderskate talen. Hy hat in grutte kennis fan it Fryske taaleigen, behearsket it Hollânsk, Ingelsk, Portugeesk, Frânsk en Dútsk ek boppebêst en is aardich thús yn Gryksk en Latyn. Boppesteande kollum is skreaun op 4 jannewaris 2023.



Der hat ek noch in keninkryk HOLLAND west ...

REPORTAGE

■ **INTERVIEW** VOOR 'HET GEZICHT VAN DE BLOKKEERFRIEZEN' JENNY

'Die hele rechtszaak was een poppenkast'

De Friese ondernemster Jenny Douwes werd in 2017 als gezicht van de blokkeerfriezen in één klap een bekende Nederlander. Douwes kreeg een taakstraf opgelegd en trok zich terug uit de publiciteit. „Wat ik van die episode heb geleerd? Dat de kloof nog dieper is dan ik dacht.”

door Wierd Duk

We vallen maar direct met de deur in huis: die taakstraf van 90 uur?

„Heerlijk! Ik deed eenvoudig inpakwerk op een werklocatie van de reclassering. Een dag per week. Enorm rustgevend: even geen telefoon, geen regel. Op de laatste dag heb ik getraakteerd.”

Zo zijn de Friezen, zegt Jenny Douwes, althans degenen met wie zij in 2017 rebelleerde tegen de komst van een groep anti-Zwarte Piet-activisten naar Dokkum. Daar had destijds de landelijke inlichting van Sinterklaas plaats. „Ik heb niemand over die werkstraf horen janken. Iedereen heeft gewoon zijn taak uitgevoerd... en weer door. Je gaat ook niet dood van een beetje werken, hè. Even schoffelen en klaar.”

Je maakte je wel zorgen over je zoonje.

„Ja, door de dreiging met een celstraf door een officier van justitie bij Omrop Fryslân was ik bang dat ik in de gevangenis zou belanden. Voor mijzelf had het niet uitgemaakt – want ik blijf erbij dat ik gewoon gelijk had – maar je wilt niet de cel in als je een kind hebt. Dan krijg je met Jeugd-zorg en zo te maken. Die gedachte vond ik wel heel intimiderend.”

Jenny Douwes komt oorspronkelijk uit Harkema, het dorp tussen Leeuwarden en Groningen met z'n eeuwige weerspannige inwoners. In 1953 nog circuleerden er plannen om Harkema op te heffen en de recalcitrante Harrekieten te verspreiden over de regio.

Hoezeer heeft die afkomst jouw karakter gevormd?

„Ik ben eraan gewend dat er met minachting naar ons wordt gekeken. Mijn opa en oma woonden er toen de autoriteiten Harkema wilden opdoeken. De generaties voor ons hebben dat gevoel dat we er niet mogen zijn al geïnternaliseerd. Ik ben opgevoed met het idee dat je je daar niets van moet aantrekken; en ook dat je de overheid niet kunt vertrouwen, maar vooral van je eigen kracht moet uitgaan. Veel van de blokkeerfriezen hebben ook die mentaliteit: zoek het uit, we reddens ons wel. Wij zijn *white trash*,

zo wordt er naar ons gekeken, dat is ook precies wat de toenmalige PvdA-burgemeester Waanders van Dokkum over ons zei in gesprekken met die activisten van Kick Out Zwarte Piet: die Friezen zijn *deplorables*, die moeten worden opgevoed, daar kwam het op neer.”

Je kwam die quote tegen in documenten die je via een WOB-procedure had gevorderd, al meteen na de wegblokkade.

„Ja, ik had het vermoeden dat er iets niet klopte, dus ben ik gaan wobbelen. Ik stuitte op de notulen van een gesprek tussen KOZP en een afvaardiging uit Dokkum – Waanders en anderen – waarin de burgemeester aangaf dat wij ons in Friesland letterlijk en figuurlijk ver van de bewoonde wereld bevinden, dat wij 'emotioneel niet geëmancipeerd' zijn en dat KOZP ons bij die emancipatie moest komen helpen. Waanders heeft die activisten zelf benaderd, zij gingen in op allerlei van hun eisen en uiteindelijk kwam KOZP dus, op haar uitnodiging, naar Dokkum om daar, onder politiebegeleiding, voor de Sint uit te demonstreren tegen Zwarte Piet. Met al die kinderen in het publiek, in die smalle straatjes. Hoe hadden ze dat veilig in gedachten? Uit die WOB-documenten blijkt dat ook de politie zich zorgen maakte over de veiligheid.”

Wat dacht je toen je dit alles las?

„De moed zakt je in de schoenen, dat het er in dit land zó aan toegaat. Dat de autoriteiten op zo'n manier omgaan met ons in het Noorden en met de veiligheid van onze kinderen, puur om hun politieke agenda door te drukken. Welk recht had Marga Waanders om dit zo te doen? Je wordt er boos en moedeloos van. Ik vind dat er alsnog wel een excuus richting de blokkeerfriezen mag. Maar het grootste deel van de blokkeerders – ikzelf ook – is al lang verder gegaan. We hebben de hoop opgegeven dat hier een normaal gesprek over gevoerd kan worden.”

Maar jullie zijn toch niet voor niets veroordeeld?

'De kloof is nog veel dieper dan ik dacht'

Je staat nog altijd niet op een kandidatenlijst van een politieke partij.

„Ik ben wel door verschillende partijen benaderd, ook nu weer voor de komende provinciale verkiezingen; maar ik pas op dit moment niet in de politiek en bij geen enkele partij. Ik wil geen concessies doen aan mijn principes. In zo'n club als de Mienskip, waar ik me kan inzetten voor de emancipatie van alle Friezen – links, rechts, oud, jong, wel of niet gevaccineerd – ben ik veel beter op mijn plek.”

Je broer steunt de boerenprotesten.

„Ja, die gaat met zijn vrachtwagen naar die demonstraties en ik rijd ook, net als heel veel mensen hier, met een een boerenzakdoek rond. Het is telkens weer hetzelfde liedje: een kleine elite neemt een besluit – ze kunnen zogenaamd niet anders – waardoor in dit geval een halve sector met één pennestreek wordt uitgewist. Het gaat niet om zomaar boerenbedrijven, dit zijn hele gemeenschappen met generaties aan geschiedenis op de boerderij. Ik woon ook op mijn bedrijf, dat is van 's ochtends vroeg tot 's avonds laat mijn leven. Stel je voor dat ik dan ineens dat bestaan zou moeten opgeven wegens theoretische problemen met stikstof. Jullie columnist Ronald Plasterk zei het mooi: we zitten in verdragen die ons niet meer dienen, die kun je wijzigen, maar het kabinet wil dat niet. Dus denk ik dat wij hier in Fryslân beter onze zaken zelf kunnen regelen. Meer autonomie zou een goed idee zijn. (Lachend:) Voor de diversiteit is het ook beter, want zo blijven de Friese taal

Heb je in de praktijk nog nadelige gevolgen ondervonden van die veroordeling?

„Ik heb een transportonderneming en heb nog wel een 'verklaring omtrent het gedrag' moeten aanvragen. Die heb ik nog gekregen ook. Dat had ik niet verwacht, eerlijk gezegd.”

Tegenwoordig zet je je in voor het Friese culturele erfgoed en de Friese taal.

„Ja, mede op basis van mijn ervaring met die afwezige tolk. In de vereniging Jongfryske Mienskip doe ik dat, een gezelschap dat

zich hardmaakt voor de gelijkberechtiging van de Friese taal en het behoud van de cultuur. Dat gaat over de emancipatie van de taal en de zichtbaarheid van de taal in de publieke ruimte, bijvoorbeeld; of over het behoud van de studie Fries in Groningen. En we onderhouden goede contacten met Friestaligen in Duitsland en Denemarken, waar ze zich ook zorgen maken over het voortbestaan van de Friese identiteit.

en identiteit bewaard.”

Je werd destijds in één klap een bekende Nederlander. Hoe ging je daarmee om?

„Ik vind dat echt vreselijk, maar tegelijkertijd vind ik wel dat iemand onder de aandacht moet brengen hoe het spel toen in Dokkum is gespeeld. Nog altijd krijg ik steunbetuigingen, in totaal moeten het er duizenden zijn geweest, uit heel Nederland en ook uit het buitenland. Er is destijds ook enorm veel geld voor ons ingezameld om de proceskosten te dekken. Inmiddels hebben nog veel meer mensen in de gaten hoe giftig dat woke-gedachtegoed is, waar dat Zwarte Piet-verhaal een soort aankondiging van was. Ik kreeg lange brieven van soms heel oude mensen, die schreven hoe erg ze het vinden dat onze tradities bij het oud vuil worden gezet. Dat sentiment zie je ook in de 'Friese paradox', die erop neer komt dat Friesland laag scoort op zaken als inkomen en opleiding, maar hoog op de factor geluk. Dat heeft te maken met dat respect voor tradities, met het Friese landschap, met het sterke gevoel van saamhorigheid en het feit dat de Friese samenleving heel egalitair is.”

Over al deze zaken mag je af en toe vertellen op de universiteit.

„Ik ben een aantal keren gevraagd om college te geven. Dan zit je in een klas met allemaal kinderen die niet begrijpen dat jij niet inziet dat je *white privilege* hebt, terwijl mijn grootouders in Harkema leefden in diepe armoede. Er komt dan echt geen gesprek op gang. Achteraf is er altijd wel eentje die mij een leuk berichtje stuurt, zo van: 'Ik ben het niet met u eens, maar vind u wel dapper.' Dan denk ik: dit worden onze toekomstige leiders en bestuurders; er is nul komma nul diversiteit in denken. Dat vooral kinderen van ouders op het platteland met een gering inkomen een laag schooladvies krijgen, dat zijn de echte problemen. Die staan helemaal los van kleur.”

Wat hebben al deze ervaringen jou geleerd?

'DAN DENK IK: DIT WORDEN ONZE TOEKOMSTIGE LEIDERS EN



PAGINA T30

Gezin van grensrechter Nieuwenhuizen:
'Dit draag je je hele leven mee'



PAGINA T32

Het boek als kind
van de rekening

DOUWES HEEFT DE KWALITEIT VAN WERK EN LEVEN NU PRIORITEIT



*Taljochting fan it bestjoer fan de Jongfryske Mienskip (Facebook, 3 des. 2022):
'Fan 'e wike alwer de twadde kear dat de JFM yn de krante neamd wurdt! De Telegraaf hat in grut fraachpetear mei ús bestjoerslid Jenny Douwes holden. It resultaat is in machtich grut stik. In tige nijsgjirrige skôging fan Jenny oer it resinte ferline, de aktuele kleau mei de Rânestêd en de takomst fan Fryslân. Grutsk!'*

„Dat ik op mijn intuïtie kan vertrouwen. Maar ook dat de kloof nog veel dieper is dan ik dacht. Niet zozeer tussen burgers onderling, maar die met de bestuurlijke elite. En dat er veel angst heerst. Ik herinner me dat we zouden aanschuiven bij de talkshow van Twan Huys, net na het proces. Dat wilden we wel, op

voorwaarde dat niet ook KOZP aan tafel zou zitten want we wilden niet in een ruzie terechtkomen. Toen liet Huys Jerry Afriyie van KOZP tóch aanschuiven, tegen onze afspraak in. Achteraf zei Twan: 'Ik moest wel, als ik voor jullie had gekozen hadden ze mij een racist genoemd.' Dat vind ik zo laf."

Je hebt een succesvolle onderneming, hoe ziet jouw toekomst eruit?

„Ik ben nu 44 jaar, alles gaat goed, mijn vader en mijn broertje zitten in het bedrijf, mijn zusje heeft haar eigen onderneming; we hebben fijne collega's. Ik wil eigenlijk niet meedoen in de ratrace voor altijd alleen maar meer. Ik

wil juist ook de kwaliteit van werk en leven vooropstellen: als bedrijf rustig door blijven groeien en ondertussen zo weinig mogelijk missen van de ontwikkeling van mijn zontje."

Heb je ooit nog contact gehad met de activisten van KOZP?

„Nee, ik heb geen contact met

Jenny Douwes: „Ik wil zo weinig mogelijk missen van de ontwikkeling van mijn zontje."

FOTO ERAN OPPENHEIMER

hen gezocht en zij ook niet met mij. Aan beide kanten leeft die wens kennelijk niet."